Wjerklank

Jiergong 11 Nûmer 21 (2017)

Kultuer as erfskip

De pynlike oergong fan natuerwittenskippen nei skiednis

Philippus Breuker yn 'e fuotleasten fan Obe Postma

Omsneupe yn Postma's skriften en brieven

'Us binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen'

Gedicht Rainer Maria Rilke

Oankundiging Postma-dagen

Tydskrift fan it Obe Postma Selskip

Kolofon

Obe Postma Selskip

Wjerklank is it tydskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Geke Sjoerdsma, Geart van der Meer en Jan Gulmans.
De lêste is ek redaksjesekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei Wjerklank jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Wjerklank jout graach romte foar gruttere of lytsere stikken oer it wurk en it libben fan Postma. Fierders jout Wjerklank omtinken oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsferslaggen, útstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastúdzje.

Abonnemint Wjerklank

Njonken Wjerklank hat it OPS in webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije Wjerklank fergees tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útnoege om, as sy in artikel bydrage wolle oan Wjerklank, kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel.: 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (min. € 17,50) moat oermakke wurde op NL74ABNA0437443620 fan it Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Donaasjes binne mear as wolkom. It selskip hat de offisjele ANBI-status. Dat bestjut dat abonnemintsjild en skinkings ôflutsen wurde kinne wurde fan de belesting.
Untwerp foarblêd: Rob Lucas
Untwerp en opmaak: Frits Sieperda

Ynhâld:

Kolofon 2
Fan de bestjoerstafel 2
Kultuer as erfskip 3
De pynlike oergong fan natuerwittenskippen nei skiednis 6
Philippus Breuker yn 'e fuotleasten fan Obe Postma 9
Omsneupe yn Postma's skriften en brieven 13
'Us binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen' 18
Gedicht Rainer Maria Rilke 19
Oankundiging Postma-dagen 20

Fan de bestjoerstafel

It bestjoer fan it Selskip hat op har bestjoersgearkomsten (14 maart, 17 maaie, 30 augustus en 7 novimber) in trijetal tema's besprutsen, te witten de saneamde Obe Postma-dagen yn it ramt fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018, it tarieden fan de Algemiene Ledegearkomste (14 maart) en de boekpresintaasje, dy't dêrmei anneks wie, en it los krijen fan subsydzjes foar it Postma-boek fan Philippus Breuker. Wat it earste tema oangiet ha wy yn oerlis mei Tresoar in programma gearstald foar de Obe Postma-dagen, te hâlden op 6, 7 en 8 april. De aktiviteiten op dy dagen binne: in poëzij-middei (mei de presintaasje fan in trijetalige Postma-bondel), in Postma-kuier troch Ljouwert, in útstalling oangeande libben en wurk fan Postma en in konsert, der't op muzyk sette gedichten fan Postma útfierd wurde troch it Colori-ensemble. Nei ôfrin fan dat konsert wurdt, sa is de bedoeling, in troch it Selskip fersoarge boek presintearre mei in grut tal komposysjes op gedichten fan Postma. De leden fan it Obe Postma Selskip wurde yn 'e rin fan maart 2018 persoanlik op 'e hichte steld fan it programma.
Nei it yn maart fan dit jier presintearre boek *In libben dat bloeide nei syn aard* fan Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer sil takomme jier it boek fan Philippus Breuker oer libben en wurk fan Postma ferskine. It OPS-bestjoer is fia in tal subsydzje-oanfragen deryn slagge om de útjefte fan dit boek mooglik te meitsjen. Ek in saneamde auteurssubsydzje fan de provinsje hat dêrby holpen. Omdat it boek letter ferskynt as oarspronklik de bedoeling wie, hat ús ponghâlder needsake west de subsidiïnten te freegjen de honorearring fan de subsydzje langer oan te hâlden.
Takomme jier sil it bestjoer fan it Selskip har besinne op de takomst fan it Selskip. Nei 11 jier en nei tal fan reiskes en stúdzjedagen en it ferskinen fan in tolvetal boeken yn de Obe Postma Rige is it tiid , tinkt ús, om oer de takomst fan it Selskip in troch de leden ûnderskreaune beslissing te nimmen. Jimme hearre der mear fan.

Jan Gulmans, skriuwer

It Bestjoer fan it Obe Postma Selskip bestiet út: George Huitema (foarsitter), Jan Gulmans (skriuwer/redaksjelid Wjerklank), Jan Guichelaar (ponghâlder), Geke Sjoerdsma (redaksjelid Wjerklank), Geart van der Meer (redaksjelid Wjerklank), Doekle Elgersma.
Adres fan de skriuwer / redaksjeadres: Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522KH, Enschede, tel. 053-4345511. Email: jan@gulmans.com.

Kultuer as erfskip

It Fryslânbyld by Obe Postma

Abe de Vries

Yn alle gefallen al hast santich jier brekke wy ús de holle oer it filosofysk systeem yn, achter en ûnder de poëzij fan Obe Postma. It (briljante) essee *Bern fan de ierde* (1953) fan de fan-hûs-út teolooch en godstsjinstpsycholooch Fokke Sierksma wiisde op mooglike ynfloed fan it psychysk monisme fan Gerard Heymans. Dêrnei rommen Tony Feitsma, Geart van der Meer en Philippus Breuker dêr ek plak foar yn, mar Breuker relatearre ek in protte by Postma oan de Gryks-klassike filosofy, benammen oan Plato. Abe de Vries hat wiisd op in aristotelysk, op midsieuske Arabyske filosofen weromgeand tinken en op it belang fan nije fisys op tiid dy't om 1900 hinne opgong makken, en dêr't Postma syn wize fan skriuwen foar in part, bewust of net, by oansleat.

In oanwiisbere konsensus hat al dy útsikerij fan mooglike filosofyske ferbannen en ferwizingen noch hieltyd net opsmiten, ek al om't filosofy gjin populêre dissipline is yn de Fryske literatuer. Fan in werklike diskusje is mei dêrom hast gjin sprake. Yn syn besprek fan it dûbelboek fan Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer, *Obe Postma. In libben dat bloeide nei syn aard* (2017), freget no ek Goffe Jensma omtinken foar literêre technyk en tiidsoperaasjes, wylst er spitigernôch tagelyk – lykas Steenmeijer-Wielenga en Van der Meer dogge – de relevânsje fan mear filosofyske ynfalshoeken sa lyts mooglik makket. Filosofyske begripen wurde lykwols neamd yn tal fan Postma syn gedichten. Men kin it filosofysk fokabulêr fan Postma wol as ien fan de minder *nijsgjirrige* aspekten fan it oeuvre sjen, mar dêr wurdt ferskillend oer tocht („Postma jout ús in eterysk bestean", sei Willem Abma.)

Ik wol hjir gjin besprek leverje fan *In libben dat bloeide nei syn aard,* en ek wol ik it ûndersyk nei filosofyske achtergrûnen net opkrije. Leaver wol ik nei it oeuvre sjen mei in tematyske fraach yn 'e achterholle, dy't wat tichter by hûs komt. En dy't miskien dochs ek ta in ynsjoch liede kin yn de wurdearring fan, en de krityk op, it wurk fan Postma. 'Dichter fan it Fryske lân', is te lêzen op it grêf fan de dichter yn syn berteplak Koarnwert, en foar in protte poëzijlêzers is er wierskynlik yndie noch altyd dé Fryske dichter. 'Obe', sa komt it nije taalgebou op it Aldehoustertsjerkhôf yn Ljouwert te hjitten. Mar watfoar byld fan Fryslân sprekt der eins út dy histoaryske samling gedichten?

Byldfoarming yn histoaryske literêre teksten lit him ûndersykje troch, simpel steld, te sjen nei it foarkommen en de fersprieding fan kaaiwurden en –begripen yn harren tekstuele, literêre en histoaryske kontekst. Wat sizze de gedichten oer Fryslân en Frysk? Watfoar lânskippen hearre dêrby, watfoar minsken? Watfoar tiid? Watfoar ekonomyske aktiviteiten? Watfoar gedachten? Watfoar literêre techniken of ynfloeden? Om dat hjir allegear yn kaart te bringen, soe te fier gean; ik behein my ek om praktyske redenen ta in ympresje op basis fan de fersen yn de blomlêzing *It sil bestean* (2004). Ik gean koart nei wat it foarkommen fan de kaaiwurden 'Fryslân' en 'Frysk' en harren farianten fan datoangeande opsmyt.

*

Yn it fers ''t Wie snein' (1905, s. 88) giet it oer in simmer yn it greidelân fan lang ferlyn, dy't nei it hjoed helle wurdt troch fan tiid te feroarjen:

't Wie snein, o hoe skynde de sinne!
Hoe dûnse myn Fryslân yn jonge pronk,
Sa kin de simmer begjinne!

Yn it fers 'Hjerst' (1909, s. 89) sit de dichter thús en hawwe syn tinzen him werom nei Fryslân laat, dat assosjearre wurdt mei it 'âlde libben' op in feepleats yn in greidhoekedoarp.

Yn it fers 'Yn 'e ûngetiid' (1910, s. 90-91) wurdt it oantinken oan Fryslân wekker roppen troch in kuier bûtenút, en wer binne it 'âlde bylden' dy't winke, bylden út it ferline dus, fan it wurk yn 'e ûngetiid op in greidpleats, dêr't de dichter yn it hôf him oan ûntlûkt, om't er dreame moat en skriuwe.

De Fryske taal yn it 'It Frysk' (1911, s. 94) is 'sljochte folkstaal', Fryske gedichten lústert mar in lytse keppel nei en op rom of eare hoecht in Frysk dichter net te tidigjen. Dy dichters wurde wurdearre om't se it hert ferromje 'mei neitins swiet en 't lok fan âlde dagen!'

Yn it fers 'Myn maten' (1914, s. 97) binne dat dyjingen dy't mei de dichter opgroeiden 'yn 't Fryske lân', fan boerekomôf en dy't no allegear 'fuorttein om utens' binne.

Yn it fers 'Novimberdream' (1915, s. 105) sjocht de dichter yn'e wûndere foarmen fan de novimberloft 'âlde dreamen, lang fertige' foarbykommen en allegear figueren út it hjoed en út it ferline: 'bern fan hege Fryske stammen'. Wat de dichter derta bringt te tinken dat ek syn dagen 'driuwe / sêftkes nei 't ferline ta'.

'In sjonger fan it ferline' (1918, s. 121-122) is de dichter neffens eigen sizzen, al jong yn 'e besnijing fan 'e skiednis en hy wit ûnder mear dat graaf Adolf bleaun is 'yn Fryslâns slach':

Sa sjonge wy ’t ferline, net omdat
It skien en goed is boppe hjoed en moarn,
Mar om’t it uzes is, us hiem en wrâld, -
Want leavje kinn’ wy net as eigen grûn.

Yn it fers ‘De omkriten fan Amsterdam fan Rembrandt tekene’ (1922, s. 124) wurdt it boerelân by Amsterdam sa’t Rembrandt it tekene, beskreaun as it ‘susters hiem’ fan Fryslân: ‘(..) en ’t is as eigen grûn, / En eigen skuorre en folk, wat hjir de master mielt! / Sa kom – do silst dyn lân yn skientme rizen sjen’.

‘Liet fan in lyts-boarger’ (1928, s. 138) is in opsomming fan wat de dichter allegear net wêze kin, hy is yn alle gefallen gjin ‘wrâlddichter’, want hy heart ‘by har’, ‘En yn har eigen taal sjong ik foar har’ en dat is syn lot. Hy sit ‘Fêst oan it ferline en it fryske fielen’, him sil de wrâld gjin achtslaan en inkeld de lêzer dy’t wit fan ‘de himrik’ is, sil him neifiele kinne.

Yn ‘Dichters stoffe’ (1936, s. 157) hat de dichter selskennis: ‘By my giet it faak oer frysk boerefolk’. Mar, seit er derby, ‘yn har sil gearkomme fan it wêzen fan alle wrâld’.

Yn it fers ‘As ik opdroegen wurd’ (1936, s. 161) sjocht de dichter himsels as de dichter fan in lytse wrâld, ‘en fier yn it fryske libben rinne myn woartels’. Mar ‘jonge freonen’ dy’t syn sangen ferstiene, hat her net hân.

‘Fan it Fryske lân’ (1937, s. 165) wiist derop dat ek parten fan Grinslân en Ostfriesland ta ‘Fryslân hearre: ‘Dat alles is Fryslân.’ Mar dat wie eartiids sa; krekt dêrom is it noadich om derop te wizen.

‘Troch it folk hinne’ (1939, s. 171) tekent de nederige status fan de dichter yn Fryslân:

Ik rin troch de stêd as in ûnbekende.
Hja sizze net: Sjoch dêr is de dichter fan it Fryske lân of soks eat;
En, dienen hja it al, ik soe dochs by har in ûnskuldich pielder bliuwe.
Ommers, jimm’ witte, it is mei it Frysk wat oars as mei in echte taal;
Sa kin ik my ûnbehindere yn it folk bejaan.

Yn it fers ‘Wêr giet jins dichtsjen oer?’ (1940, s. 177) wurdt it heitelân beskreaun as ‘Ald hert dat ‘k Fryslân neam’. Mar dat is ien mei God en leafde en natoer.

Yn ‘Unierdsk petear’ (1940, s. 178-179), in petear tusken in ‘Alde dichter’ en in ‘Jonge dichter’ – dêr’t Postma en Slauerhoff yn lêzen wurde kinne soene – seit de âlde dichter fan himsels dat er ‘oan Fryslân bûn’ wie, mar dat de jonge dichter ‘dochs (..) net ûntrinne [koe] einfolks bloed’.

Yn ‘Fuortgean’ (1943, s. 183) kleie de studinten oer de ‘slimme stavering’ fan it Frysk, ek as de dichter al fuorttein wêze sil, mar hieltyd sil it libben him wer fernije: ‘de boereman, dy’t it fryske lân hoedzje moat’ sil wer arbeidzje en der sille wer jonge dichters wêze ‘yn wa de hertstocht fan Gysbert libbet’.

‘Gers helje’ (1951, s. 193) begjint mei de útrop: ‘Hjoed haw ik wat fan it oer-bestean fan de fryske boereman sjoen!’ Dat jout de dichter oanlieding ta it skriuwen fan in ‘libbens-oade’ en de útrop: ‘Fryslân! De wrâld!

Yn ‘Is it wol grut? Is it djip weikomd?’ (1951, s. 194) antwurdet de dichter dat it ‘net grutter as Fryslân’ is en ek net sa djip stekt, dat it mar lyts is, mar dat de himel deryn spegelet en dat it de fysike sensaasje fan it foarjier en de simmer op it plattelân meibringt.

*

De fynplakken betreffe in lytse tweintich fersen, skreaun oer in perioade fan hast in heale ieu. Der is yn de *Samle fersen* (2012) fansels noch folle mear oan te treffen. Mar Fryslân, dat mei no al wol dúdlik wêze, is in lân dat foar de ik-persoan yn de gedichten gefoelsmjittich heart ta it ferline. Fryslân is âld, it hat west, it bestiet inkeld noch yn oantinkens oan lânskippen, foarbije dagen en ferstoarne minsken. Postma syn Fryslânbyld liket dêrmei typysk dat fan de emigrant, dy’t om utens, en ôfsnijd fan it deistige belibjen fan it heitelân, syn krite fan komôf idealisearret en syn filtere ferline yn fersen bewarret.

Dat sok bewarjen by Postma plakfynt yn it skriuwen fan gedichten dy’t gauris it ferline weromhelje yn it hjoed, sadat it foar de dichter en foar de eagen fan de lêzer wer ta libben komt yn de notiid, docht oan de basis neat ôf: it binne de bylden út it ferline dy’t sintraal stean. De dichter hâldt de lêzer it Fryslân fan syn jonkheid foar: in agraryske maatskippij, in doarpse krite, it boerebedriuw sa’t dat eartiids útoefene waard, minsken dy’t doe libben. Pas letter yn syn oeuvre komme der mear gedichten wêryn’t dat lytse, foarbije Fryslân tagelyk ek symboal komt te stean foar de hiele wrâld – in pretinsje dy’t Postma lykwols net werklik wiermeitsje kin, om’t de *aktualiteit* fan Fryslân en de wrâld (oarloggen, mar ek politike en sosjale spanningen) tematysk no ienris fierhinne bûten syn fersen bliuwt.

Wat Postma ús oer Fryslân fertelt, hie yn 1906 Piter Jelles Troelstra al foar him sein yn syn sammele wurk *Rispinge*. Ek foar de dichter Troelstra hearde Fryslân nei 1890 by it ferline, dêr’t er ôfskied fan nimme moatten hie om’t libben, lot en oertsjûging him om utens twongen. Yn it fers ‘Ofskie’ (1906) hat er dat tema op in klassike wize ferbylde, mar ek yn fersen as ‘It âldershûs’ (1886), ‘In nije tiid’ (1890),‘Teroele’ (1906) en ‘It âlde doarp’ (1906) komt it nei foarren. Wat de tematyske en stilistyske ferskillen fierder ek binne, Troelstra en Postma binne beide te beskôgjen as skeppers fan in *idealisearre, foarbij Fryslân* en beide tsjutte se dêrby op it doarps- en gealibben op it agraryske plattelân. Troelstra wie fan 1860, Postma fan 1868. Troelstra ferhuze út Fryslân wei yn 1882 (om studint yn Grins te wurden) en noch in kear, mar doe foargoed, yn 1893 (nei Amsterdam); Postma ferliet Fryslân yn 1883 om krekt yn 1933 werom te kommen. Beide binne dus foar de dreechste jierren fan de Grutte Agraryske Krisis (1878-1890) fertrokken en bewarren doe dus benammen oantinkens oan de bettere tiden fóar harren fuortgean.

Wy falle miskien foar Troelstra om syn brede bewegingen, syn patos en retoarysk, muzikaal talint; wy rinne

faaks heech mei Postma om syn re-kreatyf fermogen en ivichheidspretinsjes. Mar men kin beide nei wat studintefersen dochs net fan in takomstfisy – of hoop op in takomst – foar Fryslân en it Frysk beskuldigje. Folle hoop yn 'e werklikheid, yn de Fryske aktualiteit fan de dei, treft men by Postma net oan. (Al leit er mei syn gedicht 'Fuortgean' fansels wól eare yn, as de útsûndering dy't de regel befêstiget.) By Troelstra is de sosjale belutsenens op de aktualiteit der wol, mar dy krijt by him in algemiene (sosjalistyske) ynbêding dy't net per se op it aktuele Fryslân tasnijd is.

Wat de fynplakken yn de gedichten fan Postma ek sjen litte, is de beskieden goodwill en belangstelling yn Fryslân foar de Frysktalige dichter. Der binne mar in pear lêzers, bekend wurdt sa'n dichter net en hy moat foaral oer âlde tiden skriuwe; hy is isolearre en kin eins inkeld mar oer it Fryske ferline en it Fryske fielen op 'e tekst. En wa sil dat fierder begripe? It is mei it Frysk wat oars as mei in echte taal, dat wit er ek; serieus wurdt er dochs net nommen. Dat Postma gauris sokke bylden ek op 'e kop set – troch iroanyske selsferlytsing en ek wol troch it lytse en mindere op te nimmen yn it grutte en omfiemjende – docht oan it boadskip neat ôf. Hjir leit in ferskil mei Troelstra, dy't yn eigen fielen en neffens ambysje folle mear in echte 'folksdichter' wie en him ek wol yn dy kapasiteit yn syn gedichten oppenearre.

*

It wie polityk handich, en ek wat lef, fan de jonge Douwe Kalma om de grutte dichters Troelstra en Postma gjin Jongfryske swypslaggen te ferkeapjen. Mar tsjín it idee dat Fryslân ta it ferline behearde wie syn hiele beweging fansels yn opstân. De Jongfryske Mienskip is foaral nijsgjirrich om syn besykjen it Fryslânbyld yn de literatuer te kanteljen en te revitalisearjen; troch lân, taal en kultuer net inkeld mar ta sjen as erfstikken út it ferline, mar se krekt te propagearjen as boustiennen foar in Frysktaliger takomst, troch der foar by it toaniel te gean, troch der foar op kamp te gean, kompleet mei de kreaasje fan in jong en fitaal groepsimago. Letter treft men by Postma wolris in Grutfryske opstiging oan, mar syn polityk is it net. Hy bliuwt in ienling: 'Ik rin troch de stêd as in ûnbekende.'

Mar is dat Fryslânbyld fan Troelstra en Postma net bysûnder aktueel? Of wie it altyd al aktueel? Is it net likegoed itselde byld dat wy ek útdrage? Yn ús Fryske literatuerpolityk, taalpolityk, yn de radikale ynstitúsjonalisearring fan it literêre fjild, de politike ynstrumintalisearring fan keunst. En ja, ek yn de folkloristyske reklamebylden dy't yn it ramt fan '2018' de wrâld yn lansearre wurde. Fryslân as bedrige mearke, dat idee. It kostber erfstik, dat sa goed sa kwea bewarre bliuwe moat. It ynleaf heitelân fan Troelstra, dat wy farwol sizze moasten. It is in ôfskie dat ûnder mear troch ekonomyske achterstân alle generaasjes wer fernijd wurdt. En dy't hjir bliuwt, moat der net op rekkenje dat syn bern goed ûnderwiis krije yn har eigen, net echte taal.

Dy Fryske kulturele realiteit bestiet net foar de provinsjale polityk, sa liket it faak. Der is inkeld mar in bestjoerlike kwestje. In subsydzje-kwestje. Der moat jild nei it erfskip, dit of dat moat bewarre bliuwe, hjir of dêr moat stipe hinne. It sil bestean, skreau Postma. It is oan ús, skriuwers en lêzers, om sjen te litten dat der yn it bysûnder jild moat nei de poëzij fan hjoed de dei, nei de taal fan hjoed, nei it ûnderwiis as tarieding op 'e takomst. Wy hoege de konservearringsmystyk fan Postma der fierder net minder om te wurdearjen – mei in wurdearring dy't net sasear de filosofy of it konservatyf boadskip oanbelanget, mar wol syn skriuwen, styl, wurdkar, byldgebrûk, taalmacht, foarstellingsfermogen, uteringsdriuw. Dy kwaliteiten kin gjin literatuer sûnder, watfoar Fryslânbyld ek út de kast helle wurdt.

In kultuer dy't mear omtinken jout oan syn deade as oan syn libbene dichters, is fansels op stjerren nei dea. Is de poëzij fan Obe Postma no sels miskien al in erfstik wurden? In út it ferline oerlevere korpus teksten, dat foar ús net mear libbet, dat inkeld noch mar keunstmjittich of ynstitúsjoneel omtinken krije kin? Meikoarten ferskine der mar leafst trije publikaasjes oer Postma en syn poëzij. It liket in lyts 2018-offensyf, ynstitúsjoneel yn gong set mooglik by gebrek oan Tsjêbbe Hettinga, dat wol sizze, in libbene dichter dy't like maklik kanonisearre wurde kin. Postma wie, lykas Hettinga, gjin útsprutsen polityk dichter, gjin dichter dy't mei de maatskiplike aktualiteit libbe of dy't faak de finger op sosjaal seare plakken lei. Dat, en de relative bekendheid 'bûten Fryslân' troch optredens of oersettingen, binne de belangrykste kritearia by de hjoeddeiske kanonisearring. (Dy't, dat mei dúdlik wêze, yn syn kar fan it type skriuwer nochal ôfwykt fan soartgelikense prosessen yn de folle minder brave sechstiger en santiger jierren.)

Postma syn Fryslânbyld past prachtich by de identitêre lykskeakelingspolityk fan LF2018, dat Frysktalige kultuer mei opset sin marzjinalisearret. Der is gjin twivel oan dat it Kulturele Haadstêdeprojekt bedoeld is om regionale identiteiten ôf te skilderjen as idyllysk, statysk, net modern en net 'Europeesk'. It Fryslân *as we know* it heart ta it ferline: dát boadskip moat ferspraat. 'Fan mienskip nei iepen mienskip.' Ik seach sels in gearfetting op Kennislink foarbykommen fan it lêste taalûndersyk fan de Fryske Akademy, mei in kop derboppe dat Fryslân lang om let no ek *meartalich* wurden wie. Bedoeld waard: net mear yn mearderheid Frysktalich. Dat 'âlde' Fryslân wie blykber net meartalich, is de ymplikaasje. Behalve dat soks nonsens is, jout it op 'e nij oan hoe graach it kulturele establishment wol dat Fryslân en it Frysk as libbene werklikheid oppakke.

Dat is dan wer it moaie, en ek it dûbele, fan Postma. Fryslân mei dan wol ta it ferline hearre, hy ropt it dochs elke kear wer op en bringt it ta libben. Gedicht nei gedicht, strofe nei strofe, yn bylden en bewurdingen dy't ús bybleaun binne, en bybliuwe sille. Feroarje de doe-tiid yn no-tiid, hâld it tematysk each op 'e takomst, en de 24 of mear Dichters fan Fryslân kinne mar raak skriuwe. Watfoar Fryslânbyld sil dêr út oprize?

De pynlike oergong fan natuerwittenskippen nei skiednis

Philippus Breuker

As Postma neist dichter ien ding west hat, dan is dat ûndersiker. As natuerwittenskipper sawol as histoarikus is er in dreaun ûndersiker. Him is it net genôch wat te pielen, hy wol 'it wêzen fan de dingen' kennen leare, of om it oars te sizzen: krekt witte hoe't it sit. It is dan neffens my ek net sa dat syn skiednisbeoefening begrepen wurde kin as in funksje fan syn dichtsjen. It is gjin 'dong oandroegen op de eker, dêr't hy syn fersen op grutbrocht'.[1] Dichtsjen en ûndersykjen binne twa ferskillende kanten fan him. Dat seit er sels ek yn de bekende ferliking tusken beide yn it foarwurd fan *De Friesche kleihoeve*: 'Maar er is nog een andere zijde van ons wezen, waarbij we ons niet verliezen in de aandoening der algeheele overgave [fan de poëzy], maar meer actief wat buiten ons is, hier het verleden, door het begrip tot het onze trachten te maken'.
Oan ûndersyk hie er him al fan syn stúdzjetiid ôf alhiel wijd, oant er fêstrûn op wat oaren yn syn fak, de hiele grutten, om 1900 hinne ûntdieken. Noch oant 1915 hat er syn fundamintele ûndersyk op it gebiet fan de statistyske mechanika en de wierskynlikheidsrekkening trochset, mar al yn 1908 krimpt de romte dy't er bemasterje wollen hie, hiel dúdlik.[2] It gat dat mei it ôfskie fan de natuerwittenskippen fallen wie, fulde er mei Fryske skiednis. It duorre lykwols nochal even ear't er ek dêre wer ta ûndersyk kaam. It moatte drege jierren west hawwe. En alhiel hat skiednis dat gat ek net fulle kinnen. Hy fielde de oergong as in brek, miskyn ek wol as in ferlies: 'Mar it libben fan de man hat net wurde kinnen wat it wêze moast' skriuwt er yn 1951 oer himsels, en hy foeget dêr oan ta dat er tagong socht hat ta herinnerjen en it fiere ferline. It is dus krekt as is dy skiednis mar surrogaat. Earder al – yn 1918 – hie er him treaste mei it besef dat er dan wol net de toppen fan de wittenskip berikke kinnen hie, mar dochs wol wat foar minsken betsjutte koe: 'Koe dan de tins net ta it heechste kliuwe, Ik wit: wat treast mocht ik it herte jaan'.[3] It besef dat yn dy wurden útdrukt wurdt, dat syn poëzy nammentlik betsjutting foar oaren hie, komt yn de jierren tusken 1912 en 1916 faker foar. Ek foar himsels hie se dat.[4] Under de dingen dy't er yn syn 'lyts en earmlik libben' fan wearde neamt, is yn it ferneamde gedicht 'Lok' fan 1916 ek de poëzy. Dat gedicht is folle pessimistysker as wêr't it foar holden wurdt.
It wie foar him ek it iennichste wat er doe noch hie, it skoalwurk net meirekkene, mar dat neamde er 'it lege wramen'. Gjin niget dêrom dat er yn 1915 besocht om in boekútjefte fan syn gedichten ferskine te litten, en dan noch wol fan ien yn prachtbân. Dat mislearre ek. [5] Sa koe er jierren letter, yn de iepenhertichheid dy't de âlderdom en de resinte konfrontaasje mei Slauerhoff doe mooglik makke hienen, skriuwe oer spyt fan dingen yn syn libben, oer fêstrinnen en oer pynlike oergongen:

> En, al praat ik der sa net oer, ik haw dochs ek de groeden, dy't spyt dêr yn dreaun hat.
> Dan, tink net dat ik oars bin as de dichters fan in grutter taal;
> As hja neame wat de dichter bewege kin, moat dat ek it wêzen fan myn siele hjitte.
> Sa giet ús reis net mei de blanke eagen en de kleare foarholle dêr it rêsten efter leit,
> Mar ús binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen.[6]

En dan hawwe wy de teloarstellingen op it gebiet fan de hertstochten, dy't er hjir ek neamt, noch oerslein.
It is oars net sa dat er net fan skiednis hold. Men kin sels wol sizze dat er oan it âlde hong. Dat blykt al dúdlik út syn poëzy, fuort al as er as studint oer oantinkens út syn bernejierren en it lytse doarpke skriuwt. Dat wiist op in mankelike ynslach. It giet dêr ek al oer it sublime wjerfarren fan in kear dat er as bern noch, yn it gers lei. En dan is er noch mar achttjin-njoggentjin.[7]
Mar it blykt ek oars. Sa kocht er yn 1898 in eksimplaar fan de foto dy't de tsjerkfâdij meitsje litten hie fan de âlde Koarnwerter toer, doe't dy ôfbrutsen wurde soe.[8] Hy moat it ek west hawwe dy't om dyselde tiid hinne reagearre op in stik fan Jabik Hepkema oer Koarnwert. Dy neamde dat der in izeren doar út 1500 bewarre wie.

---

1 Dat tinkt en skriuwt Fokke Plat yn 'Doe't pake jit feint wie en beppe jit faam …', *Wjerklan*k 10 (2016) nr. 19: 12-16.
2 Sjoch oer Postma syn natuerwittenskiplik en wiskundich stúdzjewurk de beide bydragen fan Jan Guichelaar yn J. Guichelaar e.a., red., *Zekerheden in waarnemingen. Natuurwetenschappelijke ontwikkelingen in Nederland rond 1900* (2012) 25-74.
3 *Samle fersen* (2005) 377 en 106.
4 Sjoch *Samle fersen* (2005) 338 (1912; Ik bin sa ryk net, dat ik myn freonen kin ferstjitte,/ Sa grut net, dat ik se net kenne soe./…/En koenen jimme ek gjin frjemde herten rikke,/ Ek yn jimm' sels fyn ik myn lean!), 66 (1915; It heart ta libbens wurk, it trouwe, djoere,/ O, dat er wat fan bliuwe mei!) en 93 (1916; Ik bin mar sljochtwei master yn 'e stêd/ En doch wat de dei my jout;/ Ik haw gjin diel oan 't grutte wurk/ Dat wrâld syn foarmen bout. // Sa kin ik sjonge foar freon en folts//Mar 't giet net oan; de tocht fan 't hert,/ It lege wramen bliuwt).
5 Hy frege dêrta R. van der Velde, mar dy hold it ôf, teminsten foarlopich. Sj. fersyk en antwurd by Steenmeijer-Wielenga yn I*n libben dat bloeide nei syn aard* (2017) 204-205.
6 *Samle fersen* (2005) 250. Grûnen sille de grûnen wêze dêr't men op fêstrinne kin, lykas in skip op see, tochten binne hertstochten.
7 Sjoch de jeugdfersen út syn studintetiid yn de *Almanak van den Amsterdamschen Studentenbond* foar de jierren 1887-1889; útjûn troch Feitsma, 'Tachtiger' (1981) 57-59.

De anonime ‘oud-Cornwerder’ skriuwt dan:

> De ijzeren deur, die u niet gezien hebt, zat tusschen den eersten zolder van den toren en de voorkerk. Zij is gemaakt van zwaar eiken 10 dm hout en aan de kerkezijde beslagen met duimsijzer, 30 dm breed en p.m. 1.30 m hoog. Ik geloof zeker, dat er op staat 1391 en niet 1591, gelijk u ingelicht is. Honderd jaren na Edo’s belegering, zullen er wel geen ijzeren deuren meer gemaakt zijn als deze. Ook was de oude toren op den eersten zolder, waar zich de ijzeren deur bevond, naar de drie andere zijden voorzien van schietgaten. Deze waren aan de binnenzij een meter in ’t vierkant en liepen smal toe zoodat ze aan de buitenzij slechts een handbree ruimte lieten.[9]

Postma hie de saak dus goed besjoen ear’t de toer ôfbrutsen waard.
Syn niget oan de skiednis fan syn doarp siet djipper as mar wat oerflakkige ynteresse. Sa warskôge er yn 1918 in leafhawwer fan syn poëzy net tefolle fan in pelgrimaazje nei Koarnwert te ferwachtsjen. Men moast der foar yn de goede stimming wêze.

> Der komt noch by, dat itjinge ik foar my seach by it meitsjen fen myn fersen, nou for in great diel forwoaste en foroare is. De âlde toer fen it doarpke is foart; in meagere skraits stiet er foar yn it plak; de ‘houwster herne’ is foart; de ‘haden’ binne ôfseage; de ‘iepen herne’ is tichtmakke ensaf. [..] Dos yn ’e fekânsje allinne mar in tocht meitsje nei de sékant as it waer moai is, de sinne klear en de wyn stil, as Jy goed selskip hawwe ef as de foetten it rinnen ef traepjen net litte kinne. Dat is myn rie.[10]

En it wie ek net allinnich it eigen Koarnwert wat him ynteressearrre. Hy lies bygelyks de *Groninger Volksalmanak,* in populêrwittenskiplik blêd dat ek oer lokale skiednis gong. Sa reagearre er yn 1906 op in stikje oer de kaak fan Kroddebueren fan G.A. Wumkes. Dy brocht dêryn it wurd bysjager yn ferbân mei bizen, mar Postma wiisde him op it Fryske ‘biis’, dat dogeneat betsjutte.[11]
Syn belangstelling foar lokale skiednis is sûnder mis oanfitere yn de jierren dat er alle wiken omgong mei Tjitse de Boer, dy’t neist syn filosofyske en essayistyske stikken doe hiel wat oer Fryske en Grinzer skiednis publisearre. Noch foarsichtich die er op 12 april 1913 sels in earste stap doe’t er foar de Wittenskiplike ôfdieling fan it Natuurkundig Genootschap te Grins in lêzing joech oer de ferhâlding tusken ‘Natuurwetenschap en historische wetenschap’.[12] Hy wie lid fan dy Ofdieling. It ûnderwerp hold him wis ein 1911 al dwaande, sa’t te sjen is oan in oantekening by in passaazje yn in brief fan Tjitse de Boer fan 19 desimber fan dat jier.[13] Hij mingt him yn dizze lêzing yn in aktuele diskusje oer it ferskil tusken beide wittenskippen, dy’t fierd wie troch Karl Lamprecht en Heinrich Rickert. Gerard Heymans, de Grinzer heechlearaar, hie yn 1907 oan de diskusje bydroegen mei syn stúdzje oer 'De geschiedenis als wetenschap'.[14] Postma, dy’t op Heymans reagearret, liket mei syn sykjen nei wetten krekt as Heymans dúdlik positivistysk ynspirearre. Hy neamt it wurkterrein fan de histoarikus ûndersyk nei wat yn de skiednis wurksum west hat.[15] It is in frij praktysk ferhaal sûnder folle histoaryske ynbring.
Dat er him om dizze tiid oars ek wol yn skiednis ferdjippe, blykt út brieven fan 1912 en 1913 oan De Boer. Hy komt dêr op ûnderwerpen út de lokale skiednis. Ek yn syn gedichten is yn 1912 foar it earst sprake fan in fier ferline dat er net út eigen wjerfarren, mar út âlde boarnen kennen leard hie. Hij neamt dan minsken en stikken lân út syn bertedoarp Koarnwert fan de sechstjinde ieu. It rûn út op in stúdzje nei it grûnbesit en de grûnferdieling ûnder pleatsen yn 1546 te Koarnwert. Hy sil dêr om 1913 hinne mei begongen wêze.
Foar model naam er de stúdzje fan De Boer. Ek dy giet oer de sechstjinde ieu. Hy kaam ta it ferrassende ynsjoch dat de perselearring fan de lannerijen sûnt de sechstjinde ieu net feroare wie. Sa koe er al op 8 juny 1914 oan Johan Huizinga skriuwe: ‘Ik heb van den zelfden tijd, 1546, van een friesch dorp, ook op de klei gelegen, de landverdeeling nagegaan en gevonden, dat er meer landgebruikers waren dan thans huisgezinnen. Het land is volledig in cultuur gebracht en netjes in ongeveer dezelfde stukjes verdeeld als thans.’[16] Huizinga hie him syn krekt ferskynde stúdzje oer it ferlerngean fan it Frysk yn de Grinzer Ommelannen tastjoerd, grif wittende fan Postma syn Fryske belangstelling yn it ûnderwerp. Hy sil net tinke kinnen hawwe dat er sa’n histoarysk fundearre krityk werom krije

---

8 Tsjerke-argyf Koarnwert, earder gemeente-argyf yn Wytmarsum.
9 J. Hepkema, *Eenvoudige Memories en Bemerkingen langs straten en wegen voor Landgenoot en Vreemdeling* (z.j.) 188-189. Edo Jongema waard om 1490 hinne yn de toer belegere troch Tjerk Walta.
10 Postma yn in brief oan Dirk de Vries, kandidaat-notaris, OPS-samling Tresoar. Hy komt yn 1953 noch op dit gefal werom: ‘Nee, kandidaat notarissen dy’t dêr op útgean sille it net altiten fine’ (*Samle fersen* (2005) 316).
11 Kolleksje Wumkes 084.025, samling FLMD; Tresoar.
12 Jaarverslagen Wet. afd. Nat. Genootschap, inv. 103 fan it Nat. Genootschap; Groninger archieven, Grins. Yn syn oantekenskriften Filosofie 12 en 13 jout er útttreksels fan de besprutsen wurken van Rickert, Meijer en Heymans.
13 Dêr skriuwt er yn: ‘vaststellen van feiten zelf zonder verklaring is ook nog wel wetenschap. B.v. massa aarde en zon; constanten bepalen. Zo ook in geschiedenis: b.v. verschil gevangene in Sedan en Metz en jaartallen. Een toestand en rijkdom op zekere tijd. Geschiedenis letterkunde is niet alleen verklaring. Vooral aardrijkskunde niet alleen verklaring.’ De Boer hie skreaun: ‘Ik voel mij het gelukkigst bij het verzamelen van allerlei feitenmateriaal’. Cf. Ph.H. Breuker, Oer wittenskip en poëzy by Obe Postma op grûn fan syn oantekenskriften, *De vrije Fries* 62 (1983) 78. De brieven fan De Boer oan Postma en Postma’s oantekenskriften binne op Tresoar te Ljouwert.
14 Yn: *Verslagen en Mededeelingen der Koninklijke Akademie van Wetenschappen*, afd. Letteren, reeks 4, deel 8 (1907) 173-202.
15 Ik ha de tekst in oantal jierren lyn útjûn op it webstee fan het Obe Postma Selskip.
16 Huizinga 54, UB Leiden. Ek koe er Huizinga derop wize dat fan sechstjinde-ieuske immigraasje yn Koarnwert gjin sprake wie, oars as Huizinga dy foar de Grinzer Ommelannen yn dy ieu wol ûnderstelde. Dy basearre syn ûntfrysking der op.

soe. Sy koenen elkoar út de tiid doe't Huizinga yn Grins heechlearaar wie en ek lid fan de Wittenskiplike ôfdieling fan it Natuurkundig Genootschap.
Postma's ûndersyk late ta it artikel 'Een Friesch dorp in 1546', mar dat wie pas klear yn 1918. Tusken 1914 en 1918 hat er blykber mei oare dingen dwaande west, lykas in tinkboek fan syn skoalle. Mar op 6 july 1918 stjoerde er it stik nei de redaksje fan *De vrije Fries*.[17] Noch op it alderlêst hie er der in pear gegevens út it Kwotisaasjekohier, de Folkstelling fan 1744 en it reëelkohier oer 1733 fan Wûnseradiel yn ferwurke.[18] Dy stikken wienen yn maaie en juny út Ljouwert nei Grins stjoerd. De úttreksels steane yn it skrift dat folget op dat mei in úttreksel fan L.J. van Apeldoorn syn *De kerkelijke goederen in Friesland* (1915). Van Apeldoorn wurdt yn it artikel allinnich yn in noat oanhelle, in bewiis te mear dat er him grif mar krekt foartiid lêzen hie, sis dus mar ek yn 1916. Yn dy noat wurdt ek Ph. Heck, *Die altfriesische Gerichtsverfassung* (1894) oanhelle, mar dat boek hat er dan noch net lêzen. It gegeven komt dêr by Van Apeldoorn wei.[19]
Ek oare literatuer oer it tema dat him tenei jierren dwaande hâlde sil, hat er noch net lêzen, mar dat duorret dan net lang mear. De dingen gongen no hurd. Earst lies er noch wat los en fêst spul,[20] mar twa skriften nei dat mei de úttreksels út de Wûnseradielster argyfstikken lies er oars net mear as spesjalistyske literatuer oer grûnbesit en grûnferdieling yn de Midsieuwen. No't er ienkear wist dat der sûnt de sechstjinde ieu in bytsje of neat yn de yndieling yn perselen feroare wie, gong syn belangstelling foargoed út nei de eardere skiednis fan de ferkaveling.
Der soenen no jierren fan yntensyf en konsintrearre ûndersyk folgje. Mooglik hat De Boer him ek no wer paadwiis makke en sels wol oantrune om fan dit tema syn nije ûndersyk te meitsjen. Dat moat dan ein 1918 west hawwe. Wy witte dat net seker, wat grif oars west hie as der brieven fan De Boer út de jierren 1914 oant 1923 bewarre west hienen, mar dy jierren foarmje in eigenaardich hiaat yn de briefwiksel. In oar hiaat is der nammentlik net. It liket wol of binne se weirekke of fuortdien. Mar dat it De Boer west hat, dy't him yn 1918 op Meitzen wiisd hat, kin hast net oars. Nei dy beide neamde skriften folget ommers ien mei úttreksels fan Heck en Meitzen. Dat skrift sil fan ein 1918 of begjin 1919 wêze. Mei Heck rûn De Boer wol fier, mar him hat Postma ek by Van Apeldoorn fine kinnen. A. Meitzen syn *Siedelung und Agrarwesen der Westgermanen und Ostgermanen* (1895) komt lykwols yn de literatuer dy't Postma oant dan ta ekserpearre hie, net foar. De Boer hie it boek tweintich jier earder al prize om it gebrûk fan kadastrale en topografysk-militêre kaarten en om de retrograde wurkwize, mar tagelyk ek kritisearre. It redenearre neffens him tefolle nei in 'vooraf beraamd plan', marken hearden oars as Meitzen tocht ta de âldste tiid en it ferskil yn boaium en lizzing ferklearre mear as nasjonaliteit.[21] It binne allegear dingen dy't Postma him nei naam en dy't syn ûndersyk de earste jierren rjochting joegen.
Hy wreide dat ûndersyk no út oer hiel West-Europa en sels oant fier dêrbûten, nei Meksiko en Sibearïe. Hy lies tsientallen spesjalistyske wurken en tsientallen boarneútjeften (te begjinnen mei de achtste- en njoggende-ieuske kleasterskinkingen oan Fulda en Werden) en fan allegearre makke er úttreksels. Syn liedsman waard prof. Isaac Gosses, by wa't hy yn de strjitte kaam te wenjen doe't er yn 1921 nei de Herman Colleniusstrjitte ferhuze. Se koenen elkoar oars ek al fan de mear neamde Wittenskiplike ôfdieling.
Stadichoan naam syn belangstelling foar stúdzjes fan oaren ôf. It kearpunt leit om 1928 hinne, mar nei 1933 wie it sa goed as alhiel ôfrûn mei literatuerstúdzje. Syn monografy oer *De Friesche kleihoeve* (1934) betsjutte wat dat oangiet tagelyk in hichtepunt en in einpunt. Fan doe ôf oan basearre hy syn stúdzjes hast allinnich noch mar op argyfûndersyk.
Dat argyfûndersyk makket Postma as histoarysk ûndersiker bysûnder. Hy hold it fol oant inkele jierren foar syn dea. Syn earste argyfûndersyk datearret fan maaie en juny 1918, it is al neamd. Mar dat wie in ynsidinteel gefal. Yn 1920 begong er der lykwols foargoed mei. Op 14 july fan dat jier waard er foar it earst yn it besikersregister fan it Ryksargyf yn Grins ynskreaun en wol mei ûndersyk nei de 'friese landmaten en de agrarische toestand'.[22] Oan de oantekens te sjen, liket it wol as rjochte hy him doe noch op de Fryske Midsieuwen yn Grins. Hy tekenet allegearre kaarten fan Grinslân en ek wol fan Drinte oer.
Mar fan febrewaris 1922 ôf besloech syn argyfûndersyk ek en foaral Fryslân, al hjit it yn it jierferslach fan de Grinzer ryksargivaris oer 1923 noch dat Postma syn ûndersikingen oer de ferdieling fan de boaium yn de provinsje fuortset hie.[23] In net ôf te eagjen stream oan stikken út Ljouwert waard nei it Ryksargyf yn Grins oerstjoerd, wêr't hy se dan ynsjen koe. Ik hâld it derop dat de mooglikheid dat dat koe, de reden west hat dat er ek Fryslân sels yn syn ûndersyk behelle. Grif hat er dat ek graach wollen. Tenei gong er yn de fakânsjes ek sels nei it Ryksargyf yn Ljouwert.[24] En doe't er yn 1933 mei pensioen gong, ferhuze er rillegau nei Ljouwert, foaral om mar tichter by it argyf te sitten.

---

17 It ferskynde yn de earste ôflevering fan diel 27, dy't útkaam yn 1920. Der wurdt yn de literatuer nei ferwiisd as *De vrije Fries* 27 (1924) 8-17.
18 Obe Postma Samling, Tg. 200-03, 79; Tresoar.
19 Sjoch Van Apeldoorn, *Kerkelijke goederen* (1915) 58.
20 De beide skriften dertusken jouwe úttreksels út it *Beneficiaalboe*k, it Register fan de oanbring, de ferkeapen fan pastorylannen (1763) en fan H. Blink *(Geschiedenis van den boerenstand en den landbouw in Nederland)*, P.J. Blok (*Studies over Friesche toestanden in de middeleeuwen)* en G. Acker Stratingh *(Bijdr. lit. gesch. en oudheidk.van Drenthe)*.
21 De Boer, resinsje Meitzen [en Wittich, *Die Grundherrschaft in Nordwestdeutschland* (1896)], *Museum* 5 (1897) 226; cf. ek De Boer, De familie van den Frieschen boer, *Tweemaandelijksch tijdschrift* 4 (1897-1898) 86.
22 Brief van J.H. de Vey Mestdagh fan 6 april 1981 oan de auteur.
23 VROA 46 II (1923) 484.
24 AA107, Tresoar.

Philippus Breuker yn ’e fuotleasten fan Obe Postma

Jan Gulmans

Ynlieding

Lykas bekend, waard yn ’e hjerst fan 2006 it Obe Postma Selskip offisjeel oprjochte. Dêroan foarôf gie in gearkomste yn ’e tsjerke fan Raard, dêr’t Philippus Breuker in êzing hâlde oer Postma en it lânskip. Koartlyn, te witten op 13 maaie, waard te Easterein it boek *Het landschap van de Friese klei 800 – 1800* presintearre. Dizze twa feiten ha alles mei-inoar te meitsjen. Obe Postma, sa sil fierderop blike, hat Breuker op it spoar set fan it Fryske lânskip en Breuker syn styl fan skiedskriuwing liket sterk op dy fan Postma. Tema's út Postma’s *De Friesche Kleihoeve* (1934), lykas ‘veldindeling’, ‘stinzen’, ‘staten’en ‘hemrik’ komme yn it lêste boek fan Breuker dan ek oan de oarder. Yn dizze bydrage sil ik, te’n earsten, in (lang net folsleine) gearfetting jaan fan it boek fan Breuker; yn it twadde plak gean ik koart yn op de styl of metoade fan skiedskriuwing, lykas wy dy by Breuker en Postma oantreffe en yn it tredde plak wol ik wat sizze oer de fraach wat it unike is fan dit opus magnum fan Breuker.

Yn syn wurd foarôf leit Breuker de klam op it feit, dat ‘de aandacht in dit boek niet alleen naar het landschap zelf uit[gaat], maar ook naar wat daar achter zat, naar de economische ontwikkelingen en de maatschappelijke verhoudingen die het vorm gaven’ (side 10). Fierderop sille wy sjen oft de skriuwer al of net en yn hokker sin hjiryn slagge is yn dit boek, dat hy typearret as in ‘landschaps-geschiedenis’ of in ‘landschaps-biografie’ (side 11). Yn itselde wurd foarôf steane inkelde wat my oangiet ûntroerende passaazjes, dy’t ferklearje wat de auteur syn motiven west ha om dit mânske boek te skriuwen. Hy seit dat it skriuwen fan dit boek fuortkomt út ‘de levenslange liefde voor het land waar hij is opgegroeid en oud geworden. Dat landschap is – of hij het wil of niet – deel van hemzelf geworden. Zo sterk zijn de indrukken van zon en landschap, met name als ze met herinneringen verbonden zijn, dat niet aan hun werking valt te ontkomen’ (side 10). It lânskip waard byld fan himsels, it byld fan ‘fiere tijdelijkheid’ (idem). Mei rjocht en reden ferwiist de skriuwer yn dit ferbân nei Obe Postma, de dichter fan it Fryske lân. Hy seit dan, dat de waarnimming en it ûnthâld fan it lânskip útrint op diel wurden fan in ‘alomvattende, kosmisch beleefde eenheid van heden en verleden’ (side 11). Hjir komt de strekking fan tal fan gedichten fan Postma om ’e hoeke. Ienheid wie ek syn, Postma’s, poëzy, it sintrale kaaiwurd.

Fierderop, yn ’e ynlieding, leit de skriuwer nochris de klam op it feit, dat it ‘landschap een allesomvattende ervaring is. Het verbindt nabijheid met vergezicht, het verenigt kunst en natuur, de kunst van de veldindeling en bebouwing, de natuur van alles wat leeft’ (side 15). It tema ‘veldindeling’ hâlde net allinne Postma dwaande, mar Breuker net minder. De stikken oer ‘hemrik, states, hornleger, eester en riet’ falle ûnder dit tema en krije dan ek folle oandacht. It perspekyf fan de skriuwer is dat fan de histoarikus, net dy fan de esteet, de ekonoom of de etikus. Binnen dat perspektyf seit de skriuwer, dat it lânskip ‘permanent in verandering, geen statisch, onveranderlijk geheel [is]’ (side 15) is. Ut datselde perspektyf wei seit Breuker, dat hy it boek skreaun hat op basis fan foarbylden, net út ‘selekterende vooropgestelde hypothesen of vanuit een enkele invalshoek’ wei (side 16). Dat is útsoarte legitym en it levert in tige lêsber en ynformatyf boek op, mar it giet, oant op sekere hichte yn tsjin de metoadyske easken, der’t de histoarikus oan foldwaan moat. Bernard Slicher van Bath, net ûnbekend oan Breuker en Postma, seit datoangeande, yn syn *Geschiedenis: theorie en praktijk* (1978): ‘De feiten worden eerst van betekenis door de vragen, die

de historische onderzoeker aan het materiaal stelt'. Breuker wurket net mei in útwurke fraachstelling yn dy trant, lykas Postma dat yn de *Friesche Kleihoeve* wol docht as hy him ôffreget: 'De vraag in hoeverre een hoevenstelsel op de klei kan bestaan hebben is dus vrijwel dezelfde als deze in hoever op de klei de veldindeling der marken kan hebben bestaan' (side 4).

Fan wat Slicher van Bath neamt de generalisearjende – respektyflik individualisearjende fergeliking (side 32) - is by Breuker gjin sprake. Breuker syn boek is in foarbyld fan saneamde evenemintsjele skiedskriuwing: it giet oer 'gebeurtenissen'. Dat kin betrekking ha sawol op minsklike akitiviteit fan hanneljen, sprekken of tinken as op foarfallen yn de natuer. De measte gebeurtenissen ferflechtigje. Wat oerbliuwt binne de data, boarnen of feiten dêr't de histoarikus mei wurket. Hy sammelet dy feiten, bringt oardering oan, ûndersiket dy feiten en lûkt op dy basis konklúzjes. It boek fan Breuker presintearret in macht oan feiten; de oardering fan dy feiten is foarbyldich (ôfsjoen fan it stikje oer periodisearring (side 384 e.f.). Wy sille sjen oft syn konklúzjes oannimlik binne. Wêrom hat de skriuwer him beheind ta de perioade 800 oant 1800 ? Breuker antwurdet op dy fraach, dat 'omstreeks 800 veldindeling [it tema fan Postma !] en waterbeheersing meer afhankelijk worden van menselijk handelen' (side 16). En fierder (side 17): 'Structuurbepalende elementen als slenken, maren, paden, wegen en dijken die met hun loop en ligging veel over de geschiedenis van het landschap kunnen vertellen, zijn voor een belangrijk deel van na dat jaar, en dat geldt ook voor de kavel- en perseelsvormen'. 'Land dat het nog niet was werd vanaf toen (800, JG) compleet geëffend en begreppeld'. Nei myn miening binne dat oannimlike redenen om te stellen, dat der om 800 hinne sprake is fan in sesuer.

De skriuwer hat syn stof opsplitst yn dielûnderwerpen, lykas de ferhâlding ta it wetter en sosjale differinsjaasje (adel, patrisiaat, boeren), ôfwettering, bemealling, lânoanwinning, buorskippen, dykherstel, pleatsen en stinzen. It is net frjemd dat, lykas Postma, Breuker in protte oandacht besteget oan de fjildyndieling. Ut syn perspektyf wei hat dy fjildyndieling der eigenlik altyd west en hat dy har neffens de skriuwer oanpast oan de maatskiplike ferhâldingen en de bedriuwsfiering. Yn dat ferbân jout hy, lykas Postma, oandacht oan de hemrik. Ik kom dêrop werom.

It lânskip

It lânskip fan de Fryske klaai bestiet út de Greidhoeke, de Bouhoeke en it bûtendyks kwelderlân (side 20). De Greidhoeke is it sintrale diel fan Westergea. It súdlik part dêrfan wurdt foarme troch de Himdyk en de Hegedyk/Slachte tusken Boazum en Boalsert. Nei it noarden ta, neffens Breuker, strekt de Greidhoeke him út oan Achlum-Tsjom-Winsum-Marsum ta. Breuker beskriuwt dit lânskip yn objektive termen, mar eigentlik kin dat net, want lânskip is neffens de skriuwer yn it foarste plak it belibjen fan it lânskip; it lânskip wurdt, krekt as taal, ûndergien as diel fan 'e persoanlike identiteit (side 26). Foardat der sprake wie fan Greidhoeke en Bouhoeke wie it lânskip al ieuwen lang bedutsen mei terpen. Breuker giet dan yn op it ûntstean fan buorskippen, saneamde langhuzen en stinzen (letter ferfongen troch states en stinzen). It mei jin net ferwûnderje dat hy dan, mei in ferwizing nei twa strofen fan Postma syn gedicht *Op sokken dei*, komt ta wat hy neamt it oerbyld fan it Fryske lânskip. Dat oerbyld is in abstraksje fan de sichtbere werklikheid. Is dit de Platoanyske kant fan Postma, dêr't Breuker wol ris oandacht foar frege hat? It gedicht giet as folget:

OP SOKKEN DEI

Op sokken dei – de wyn is koel en heech,
Fier yn it westen glimt it iere rea;
De wei leit foar my út: in blanke reed
De wrâlden yn; de siel bespant it gea.

Fêst riist der foar my op yn 't donk're lân
In ljochte wentering, de skuorren, steech,
Ferbrekke foars it al te wettysk flak;
Ien stins, út âlde ieu, giet rank omheech.

It is gjin doarp as oare, boud fan klaai
En reid; 't kin net as hja fergean;
In byld, begryp, wat namme moat it ha?
Mar 'k wit, it sil yn ivichheid bestean.
Ien part is uzes: goddelike jeft'
Sa fêst te hâlden yn ien byld wat wie,
En mei te bouwen oan in macht'ge stêd,
Wêr't wente hat wat ierdske stalte hie.

Op sokken dei – yn 't koele hjersteljocht
De huzen riigje har yn 't byldflak gear;
Elts blanke finster hat syn eigen skyn,
En 't libben bringt syn tûzenstaltich hear.

Opfallend is, dat Breuker in wat oare yndieling hantearret as Postma by de beskriuwing fan it lânskip. De lêste begjint syn boek oer de *Friesche Kleihoeve* (1934) as folget: 'Bij het beschouwen van de door de mens bewoonde en in cultuur gebrachte aardoppervlakte, kunnen we verschillende zaken nader in het oog vatten, zoals: (1) de verspreiding van de woningen over het veld, hetzij afzonderlijk geplaatst of verenigd in gehuchten of dorpen (in het algemeen door de naam: nederzettingen aangegeven); (2) de verdeling van het veld in afzonderlijke grondstukken of percelen ; (3) het gebruik dat van de verschillende grondstukken gemaakt wordt (bouwland, weiland, bos

enz.); 4. de groepering der grondstukken, voorzover zij bij een bepaalde woning (boerenhuis) in één bedrijf (boerderij) gebruikt worden, met andere woorden: in een hoeve verenigd zijn'. Dat is, tink ik, wat dúdliker as de opset fan Breuker; wol is it sa, dat fierwei alle eleminten dêr't Postma oandacht foar freget, by Breuker oan de oarder komme.Wat dat oangiet is haadstik 2 fan it boek fan Breuker in hichtepunt, ek omdat yn dat haadstik wer oandacht bestege wurdt oan de himrik (te ûnderskieden fan finnen, mienskarren, mieden en tjoegen, side 59).

De himrik

Breuker is yn it boek *Veld, huis en bedrijf* (Verloren, 2010) al wiidweidich yngien op dit begryp himrik (side 22 e.f. fan dat boek), lykas ek yn syn moaie stúdzje 'De hemrik: lokalisatie, datering en betekenisontwikkeling', *De Vrije Fries,* 94, (2014) 229-250. It giet om in begryp, dat troch Postma as folget definiearre waard: 'De hemrik stelt dus land voor dat wel gemeenschappelijk eigendom is, maar niet gemeenschappelijk gebruikt wordt' (side 93, *Friesche Kleihoeve*). Efkes letter fettet Postma de himrik op as 'het tot een dorp behorend op enige afstand daarvan gelegen maadland'. En wer efkes letter (side 98) seit Postma: 'Ik acht het nu waarschijnlijk dat we onder de hemrik van het Schoutenrecht ons zulk een veld moeten voorstellen, grotendeels maadland, en gewoonlijk een weinig afgelegen' (sjoch ek: O. Postma, *De zoogenaamde vier-jaarlijksche verdeling van de hemrik*, Wumkes.nl). By it wurd 'himrik' moatte de lêzers fan dit blêd mooglik tinke oan it folgjende gedicht fan Postma; yn dat gedicht spilet de himrik in promininte rol. It gedicht giet sa:

IT LIBBEN DAT FERGONG

In macht'ge rige stiet oan 'e oare kant.
De foarsten binn' my nei: hoe klear en grut
Haw ik har foar my stean, sa libben as
Wa't nêst my is! En mei har komt
It folk dat har bestiet; dy hjitte libben noch,
Mar wat har stalte wie, ferstoar sa goed
As dy't men deaden neamt; of better wol
It iene bleau as 't oar.

Hja binn' net bûn
Oan foarmen fan ien dei; 't giet hinn' en wer
Sa as de siel ferweecht: in wiks'ljend spul.
De freonen fan myn jonkheid allegearre
Gean my foarby. Ik sjoch har wêzen klear,
De dei, de wyn dy't troch de reiden giet,
Nimme har op; der is gjin skied
Fan doe en no; dy't oer de tearen rint
Fan 't wetter, draacht har byld.

Myn stalten bring ik gear nei doarp en stee;
En yn it hûs de slachten komm' en gean:
Sa is it drager fan in fiere stream;
Mar fêster hâlde wier en wurk'bre grûn.
O hûs en terp en lân! Hoe fiere jimme mei
Nei tiden griis en âld! De brike muorre
It tek, it lytse ramt, hja sprekk' in taal
Us nei en goed. En op 'e terp mei plak
Foar went en hiem – feilich lyts ryk
Opboud fan eigen krêft – o as wy stean
Dêr heech oer 't gea en sjen de lânen oer,
Hoe komt in machtich fielen by ús op!
Har weiden, moedsum lutsen by de hichte op,
Komm' op ús ta; wer roppe oer 't fjild de kij,
En effen hearre wy it eineguod.
O fliten lang fertein! Hjir mei jimm' del te gean
De himrik út, oan 'e ie ta dy't
De geaen skiedt! It gers fiel 'k yn myn hannen
En ik rûk de grûn...
O dit giet bûten tiid! Wy binne diel
Fan selde wrâld, hoe koe der oars
Sok fielen troch ús gean?
Ien siele, ien begryp omfiem't it al.

Breuker jout (side 54 e.f.) in prachtich oersicht fan it ûndersyk om it fraachstik fan de himrik hinne; hy giet dan yn op de ferskillende skriuwers op dit mêd lykas W. J. Buma, P. Sipma, E.W. Hofstee, T.E. Teunissen, Spahr van der Hoek en, uteraard, L. J. Van Apeldoorn. De lêste – skriuwer fan 'De historische ontwikkeling van het grondbezit in Friesland' (*Vrije Fries* XXVII, side 206, 1924) – wie op ferskillende fronten de grutte opponint fan Postma (sjoch it lêste haadstik fan de *Friesche Kleihoeve* en wat Breuker dêroer seit op side 55 fan syn boek).

Wetter

Haadstik 3 giet oer de wetterbehearsking. Neat hat, neffens Breuker, safolle feroaring yn it lânskip brocht as de wetterbehearsking. Hy sitearret in sekere Johannes Arcerius, dy't yn 1662 (yn: *Een nuttelijk voorschriftboexken*) skriuwt: 'Dit Land [Friesland] schijnt bij naar de helft van 't jaar een poel of waaterplas te weesen, daar de steeden en dorpen als schepen in om-swemmen: maar d' ander helft van dien brengt 'et oovervloedige vrugt van graan en gras voort'. De wetterbehearsking, lykas Breuker dat yn dit haadstik sa treflik beskriuwt, is net nij foar de skriuwer. Ut de noaten (33 siden, fan side 408 oant en mei 441) blykt dat hy al faker skreaun hat oer dit tema. Sa yn syn boek *De Greidhoeke* (2012, side 57-60), dêr't er it bekende boek fan Rienks en Walther (*Binnendiken,* 1954) ûnder it fergrutglês leit: 'Rienks en Walther redeneren vanuit de veronderstelling dat de bedijking van de Middelzee vanuit het zuiden is begonnen en plaats had tussen

1000 en 1200. Zij hebben over het hoofd gezien dat de wateroverlast juist uit dat zuiden kwam, als gevolg van de veenontginningen'. Al yn 1974 skreau Breuker yn de doarpsskille fan Boazum in bydrage oer 'Alde Geulen I en II'. Dit wiist op in iere niget fan de skriuwer oan dit tema, dat, foarsafier't ik sjen kin, net by Obe Postma foarkomt. Aardige details yn dit nijsgjirrige haadstik binne bygelyks: 'Onder Bozum liggen minstens acht van die overslibde nederzettingen uit de derde eeuw of daaromtrent'. Lykas yn alle haadstikken is ek dit haadstik kreas wat foarm oangiet; mei in ferskaat fan prachtige kaarten en foto's. In list fan technyske wurden lykas 'opgeslibd, inlaagdijk, tilbarte, tollen, huslotha, muntslag, slenk, knipklei, blokverkaveling, hemmen, poerbootje, dackschoven, blynfuorgen, bilgreppels, bepolstekken, fellingen, valgen, krammen, saatsen, afdamming, omstappen, gevorkte tong en zaverug' ûntbrekt spitigernôch.

Buorskippen, doarpen en stêden

Yn 1941 liet Postma in aardich boekje it ljocht sjen ûnder de sljochtwei titel *It Fryske Doarp (foar 1795)* (Frisia Rige, no. 27). Hy begjint dan mei de fraach wat in doarp is en hy komt ta de konklúzje, dat in doarp in ienheid op tsjerklik gebiet is (en hjit dan: tsjerklik doarp, parochy, karspel) en op wrâldsk gebiet (doarp, wrâldsk karspel). Syn oanpak wykt ôf fan dy fan Breuker; ik ha in foarkar foar de oanpak fan de lêste, omdat by Breuker sinnen foarkomme as 'De bewoningskernen die de terpen waren, vormden eerst buurschappen en later samen dorpen. De buurschappen bestonden uit één of enkele boerderijen'. Dat bringt jin fierder yn it tinken en dat kin men fan de anekdoatyske informaasje út *It Fryske Doarp (foar 1795)* net altyd sizze. Breuker giet yn op 'bebouwing en vaarten/wegen'. Ek hjir wer in skat oan kaarten en foto's (bygelyks it fuotpaad fan Turns nei Reahûs, side 115). Yn it dêrop folgjend haadstik giet it oer lânferbettering. It steunt nochal op ûnder mear it 16e ieuwske rekkenboek fan Rienk Hemmema, dêr't Postma en de al neamde Slicher van Bath ek gebrûk fan makken. Foar my - berne yn 'e Dongeradielen - wie Breuker syn ferhaal oer it tichtmeitsjen fan wielen en kolken yn East-Dongeradiel (side 118) folslein nij. Ek wat hy skriuwt oer de my wol bekende Worp fan Peyma út Ternaard (side 124) is och sa nijsgjirrich.

Styl

Lykas yn de ynlieding sein, wol ik ek wat sizze oer de styl, dêr't it boek yn skreaun is. Tinken is foarmjouwing en dat blykt kear op kear by Breuker. Syn styl fan skriuwen is detaillistysk, ferantwurde en meinimmend. Dat hat resultearre yn in boek fan in protte gewicht (letterlik en figuerlik !). Fan in ûnderwizerstoan ha ik gjin lêst hân. Wat foar histoarikus komt yn dit boek nei foaren? Breuker is net in histoarikus, dy't him sasear bekroadet om fragen mei betrekking ta de skiednis as wittenskip, har metoaden, de graad fan wissichheid en de soarte fan objektiviteit fan har bewearingen. Hy liket ek net sa'n niget oan de skiednis sels, har struktuer, rjochting, sin of betsjutting te hawwen (de saneamde 'big history'). Hy is in represintant, tink my, fan de evenemintsjele skiedskriuwing. Dat blykt ek út de haadstikken, dy't yn dizze bydrage gjin oandacht krigen ha, te witten oer floara en fauna, (haadstik 6), wolfeart (haadstik 7), pleatsen en stinzen (haadstik 8), saneamde bûtens (haadstik 9) en, last but not least, dat oer hôven en tunen (haadstik 10). Stik foar stik lêsber en nijsgjirrichmeitsjend. By Obe Postma leit dat dochs wat oars. Lykas mooglik bekend, hat hy op 12 april 1913 in lêzing hâlden oer natuerwittenskip en histoaryske wittenskip. Ik ha de strekking fan dy lêzing beskreaun yn in artikel 'Obe Postma: grensganger tussen natuur- en historische wetenschap' (tagonklik op it webstee fan it OPS).

Gjin 'opuske' mar in opus magnum

Men kin stelle, dat Philippus Breuker mei dit boek in kroan (hooplik net de lêste; it boek oer Postma is op kommende wei) op syn histoarysk wurk set hat. It boek fertsjinnet om bestudearre te wurden; ik kin út ûnderfining sprekke dat men der wiken mei dwaande is. Men moat jin it Breuker-perspektyf op it lânskip eigen meitsje. Ik sis it Breuker-perspektyf, want it is ûnmiskenber gjin reproduksje fan it ferline mar it ferline sjoen út Boazum wei. Perspektivyske skiedskriuwing, dus. It is de ynspanning wurdich om dat ferline kennen te learen. It unike fan dit boek is de djipgong fan it histoarysk relaas, de lêsberheid en de tige slagge kombinaasje fan tekst en byld. En, net te ferjitten, de kenmerkjende styl fan de skriuwer, dy't in lokwinsk fertsjinnet foar dizze prestaasje.

Philippus Breuker

Omsneupe yn Postma's skriften en brieven

Jan Gulmans



'Hja, dy't Postma's poëzij integrael kenne, witte dat it geheim derfan leit yn 'e boppeminslike spanning tusken forkleare skôging en bloedreade hertstocht'.

Boarne: *Complete poëzy. In indirecte en omslachtige lokwinsk ta Dr. Obe Postma's 82ste jierdei*, 29 Maert, 1950, yn *De Tsjerne* jrg. 5, p. 75-83.

Yn nûmer 12 fan *Wjerklank* hat Tineke Steenmeijer-Wielenga inkelde brieven út 1901 en 1904 publisearre fan Postma oan de skriuwer (Sjirk van der Burg) fan it Selskip foar Fryske Taal- en Skriftekennisse. Letter is sy dêr op werom kaam troch ek noch brieven út 1906 en 1910 it ljocht sjen te litten. Foaral it kommentaar fan har op de brieven is och sa nijsgjirrich en belangryk. Spitigernôch hat de folsleine samling fan brieven oan en fan Postma - troch Tineke mei grutte sekuerens transkribearre!- yn *In libben dat bloeide nei syn aard* net dat makket de oandacht krige, wylst dy brieven wol de kontekst oanjouwe wêrbinnen it libben en wurk fan Postma syn beslach krige. It kin net de bedoeling wêze om dy samling brieven hjir ta te ljochtsjen. Dat is eat foar de Postma-stúdzje, wêrfan't Philippus Breuker yn 'e ledegearkomste fan maart fan dit jier sei, dat der noch tal fan aspekten oan libben en wurk fan Postma sitte, dy't om neiere stúdzje freegje. Nee, myn doel is mear in koart ferslach te jaan fan wat ik mar neam omsneupe yn Postma's skriften en brieven. Earst eat oer de skriften.

Skriften

Yn syn stúdzje *'Oer wittenskip en poëzy by Obe Postma'* (De Vrije Fries, LXII (1983), 69-83) hat Philippus Breuker – neist de bibliografy gearstald fan Bauke van der Veen en Jelle Krol - in belangryk oersicht jûn fan de skriftlike neilittenskip fan justjes mear as achthûndert skriften fol oantekens en úttreksels. Breuker wiist derop, dat Postma mar inkeldris tusken de úttreksels en oantekens syn eigen ideeën optekene hat. Iksels wie, doe't Tresoar deryn tastimde dat de skriften foar in part of yn syn gehiel troch Wybo Palstra op DVD oerset waarden, foaral ynteressearre yn bygelyks Postma's teksten oer en krityk op Heinrich Rickert (oer de ferhâlding fan natuerwittenskip en histoaryske wittenskip, 1913), Gerard Heymans (dy't opkaam foar it psychysk monisme), Kant, Wundt, Kohnstamm en, net ûnbelangryk, Eduard Zeller. Postma bestudearre de lêste syn *Die Philosophie der Griechen in ihrer geschichtlichen Entwicklung*. Foaral dy stúdzje hat, tink ik, de eftergrûn levere foar bygelyks de strekking fan in gedicht as 'Op it tsjerkhôf' mei de rigels

Ja, âlde boer, wis yn gelove-striid,
Hwat stoar giet net ferlern ! It wêzen bliuwt
En libbet bûten tiid.

Geart van der Meer, dy' t dizze strofe ek neamt yn syn belangrike artikel 'Fan wrâld-siele diel' (yn: *Earefrissel foar Prof. Dr. E.G.A. Galama ta syn santichste jierdei*, 1982) hat yn *It libben dat bloeide nei syn aard* in moaie analyze jûn fan it dichterlik oeuvre fan Postma, mar moat fan it psychysk monisme en fan it Grykse tinken, lykas Zeller dat beskriuwt, net folle ha. Hy hâldt fêst oan de opfetting, dat it fers in autonome wrâld fan wurden is. Hy hat it oer 'problematise harsenspinsels' en 'nuveraardige briedstoeloptinksels' fan Heymans en Postma (side 314 fan it boppeneamde boek), mar sok etikettearjen bringt ús, tink ik, net fierder. Sola scriptura (it saneamde autonome fers) is, siz ik no en dan mei Abe de Vries, in dearinnende wei.

Werom nei de skriften. Foar my leit it útskift fan *Geschiedenis XXV* (sjoch: Breuker, 'Oer wittenskip en poëzy by Obe Postma' (*De Vrije Fries*, LXII (1983) side 80). Mei in lûp (dat wol ..) kom ik der efter, dat Postma úttreksels makke hat oer in Dútsk boek, dat yngiet op de relaasje tusken de Batavieren, de Kaninefaten en de Friezen. Tacitus wurdt oanhelle. De hannel yn de tiid fan Karel de Grutte, de Midsieuwen, mar ek de 17e ieu wurdt gearfetsjend besprutsen. Opfallend is, dat de oantekeningen in pear siden fierder ynienen oergean nei Otterum, de saneamde ordonaliën (godsoardielen), wernei't de skriuwer ûnder de kop Geschiedkundige atlas van Nederland wiidweidich

Eduard Zeller

oandacht jout oan de *Deutsche Marken* (fan Jhr. B.M. de Jonge van Ellemeet en de *Groningse marken* (fan J.G.C. Joosting). Letter ek de *Drentse marken*. Dêrnei komt it *Stadsbezit in grond en water gedurende de Middeleeuwen* oan bod. Opfallend is dat Postma doe al (rillegau nei 1916 ?) oandacht jûn hat oan de himrik, troch him opfette as 'nieuw gewonnen land'. Dat is ynteressant tsjin de eftergrûn fan wat Breuker yn syn (ien nei) lêste boek oangeande de himrik skreaun hat. Dêrnei giet Postma yn op it boek *Wat de terpen ons leren*, wêrnei't hy nochris yngiet op *De verdeling van den hemrik*. Myn konklúzje is trijerlei: (a) der sit mar in bytsje gearhing yn alteast dit skiednis-skrift, (b) in grutte oermjittichheid yn de beskriuwing makket it lêzen net makliker en (c) it liket derop, dat Postma – yn syn niget oan lokale skiednis – net op ferklearring mar op sosjaal-geografyske beskriuwing rjochte wie. Op dat flak wie it alles op in hier ôf witte wolle.

Oer nei inkelde skriften oer filosofy. Lykas Breuker al yn 'Oer wittenskip en poëzy by Obe Postma' sein hat, hat Postma seker nei 1916 altyd in ynteresse hân foar it wurk fan Heinrich Rickert. Dizze filosoof skreau yn 1902 *Die Grenzen der naturwissenschaftlichen Begriffsbildung*, dat Postma wiidweidich ekserpearre hat. Typearjend is in tuskenrigel: 'Dus grenzen van natuurwetenschap op te zoeken'. Yn deselde tiid as Rickert, wie der yn Berlyn in privaatdosint Georg Simmel dwaande syn oeuvre op de grins of snijflak fan sosjology en filosofy stal te jaan. *Syn Lebensanschauung, vier metaphysische Kapitel* út 1922 wurdt troch Postma yn in tsiental siden gearfette, dat wol sizze twa fan de fjouwer haadstikken, te witten 'Die Transzendenz des Lebens' en 'Tod und Unsterblichkeit'. Ik bin der fan oertsjûge, dat dizze saneamde libbensfilosofy fan Simmel neier ljocht smyt op tal fan strofen út it dichterlik oeuvre fan Postma. Om dat oannimlik te meitsjen, is it nedich dy libbensfilosofy fan Simmel (dêr't Rickert neat fan ha moast) koart wer te jaan. Simmel is, koart sein, út op de 'formale Struktur unseres Daseins' . Hy leit klam op it 'Grenz-charakters unserer Existenz' , dat wol sizze 'dass wir immer und überall Grenzen haben', sterker noch 'wir sind auch Grenze'. Dus op elk eagenblik binne wy 'zwischen zwei Grenzen' . De paradoks is no, dat wy lykas skakers ' nach jeder Richtung hin eine Grenze haben, und wir haben nach keiner Richtung hin eine Grenze'. Dat resultearret yn it ' Sich-selbst-Überschreiten des Geistes' , dat wol sizze de 'Akt der Selbsttranszendenz' . Simmel en yn syn fuotleasten ek Postma lizze de klam op it ' Hinausschreiten des geistigen Lebens über sich selbst'. As Postma it yn tal fan gedichten hat oer de ûneinigheid, dan is dat yn termen fan Simmel 'die eigentliche Unendlichkeit der Lebensbewegung auf der Stufe des Geistes' . Wat Postma beneamt as Geast is, nochris yn termen fan Simmel as folget te parafrasearjen: 'Mit dieser Bewegung in der Transzendenz seiner selbst erst zeigt sich der Geist als das schlechthin Lebendige'. Ek foar Postma is de minske in ' Grenzwesen, das keine

Grenze hat' . En dan komt it: 'Wir stellen uns das Leben vor als ein kontinuierliches Strömen durch die Geschlechterfolgen hindurch. Indem der Lebensstrom durch oder richtiger: als diese Individuen fließt, staut er sich doch in jedem von ihnen, wird zu einer fest umrissenen Form und hebt sich sowohl gegen seinesgleichen wie gegen die Umwelt mit all ihren Inhalten als ein Fertiges ab und duldet keine Verwischung seines Umfanges. Hier liegt eine letzte metaphysische Problematik des Lebens: dass es grenzenlose Kontinuität und zugleich grenzbestimmtes Ich ist. Dass das Leben absatzloses Fließen ist und zugleich ein in seinen Trägern und Inhalten Geschlossenes, um Mittelpunkte Geformtes, Individualisiertes, und deshalb, in der anderen Richtung gesehen, eine immer begrenzte Gestaltung, die ihre Begrenztheit dauernd überschreitet, das ist seine wesenbildende Konstitution. Lebenstranszendenz als die wahre Absolutheit, in der der Gegensatz des Absoluten und des Relativen aufgehoben ist. Leben: über sich selbst hinauszugehen, seine Grenze zu setzen, indem es über sie, d.h. eben über sich selbst, hinausgreift'. De gedichten, dy't by dit libbensbesef in yllustraasje lykje, binne ûnder mear 'De apelbeam' (as ivige stream; SF 26, 1903), 'Ik dreamde my' (as machtige stream; SF 138, 1920); 'De lêste dei' (as waarme bloedstream; SF 140, 1921); 'Romantyk' (as stream; SF 144, 1922); 'Sneintemiddei' (libbensstream; SF 145, 1922); 'Printeboek foar rein'ge dei' (libbensstream; SF 339, 1922) en 'It libben dat fergong' (fiere stream; SF 161, 1925). Doe't Postma yn 1902 Wilhelm Ostwald syn *Vorlesungen über Naturphilosophie* lies, skreau hy yn de skriften *Filosofie* 5 en 6 'leven = energiestroom in een beeld'. Ek dit wiist op syn besibbens mei de libbensfilosofy.

Brieven

Tineke Steenmeijer-Wielenga hat, lykas al sein, de brieven fan en oan Postma samle, transkribearre en yn trije perioaden ûnderbrocht. It is wat men wol neamt in Fundgrube en de samling jout moai oan hokker netwurk Postma hie. Yn' e earste perioade (1931-1944) kaam ik ûnder mear in nijsgjirrige brief tsjin oan de ierdrykskundige M. Wiegersma te Drachten. De briefwikseling ferrint as folget. Postma: 'Hierbij neem ik de vrijheid U met een klein verzoek lastig te vallen. Bij mijn studie van de oude landbouwtoestanden vond ik onlangs een paar uitdrukkingen in een Proclamatieboek van Smallingerland, die mij wel van beteekenis toeschenen. Ik bedoel de woorden: "de helfte van drie mad hemmen buyten de clayse", en "twie mad gelegen by drachtera wech binnen de clayse voor de hemmen" en "3 mad meden int craanlandt onder het behoor van den dorpe Bornbergum, streckende van de cluise sloot oostwaarts aen saeckere [?] dwarssloot". Deze "cluyse" of "cluisesloot", wat wel hetzelfde zal zijn, herinnert n.l. aan de "clesia" in de oude friesche wetten voorkomend, waarin sprake is van de verdeeling van de hemrik "boppe da clesia", welke laatste "clesia" verklaard wordt als "afscheidingssloot". Nu zag ik in de atlas van Eekhoff ten W. van Boornbergum de "kloesesloot" en ik vermoed dat dit boven bedoelde "cluyse" is. Nu zou ik toch echter wel graag eenige zekerheid hebben, dat deze "kloese" hier als afsluiting bedoeld is. Er is n.l. nog een andere mogelijkheid dat het de kluis van een kluizenaar zou kunnen beteekenen. Er is n.l. een terpje bij geteekend op de kaart dat "kloesewier heet. Daar zou b.v. een kluizenaar gewoond kunnen hebben. Zeer waarschijnlijk acht ik dit niet, maar het zou mogelijk kunnen zijn. Mijn vraag aan U is nu: zijt U ook in die streek bekend en weet U ook of die sloot door de naburige bewoners als een afscheidingssloot benoemd wordt, die b.v. landerijen van verschillende geaardheid scheidt of oudtijds onverdeeld land verdeelt? Verder zou ik ook gaarne weten, waarvoor die kloezewier gediend kan hebben en of de landerijen daar ook nog de naam "hemmen dragen. Prof. Van Blom te Leiden, met wien ik dezer dagen over deze en verwante dingen correspondeerde, ried mij aan, mij tot U te wenden om te trachten in dezen eenige nadere inlichting te bekomen. Daarom ben ik zoo vrij geweest dit schrijven tot U te richten. U zoudt mij zeer verplichten, als U mij in dezen eenige hulp kon bieden' . It antwurd fan Wiegersma befrediget Postma net alhiel. Op 24 maaie 1931 skriuwt Postma him: 'Ik tankje Jo tige for jins skriuwen, al is de saek der net mei út makke. Hwet it wird "ookes" oangiet, ik foun yn it Eastfrysk Wirdboek: "âke = ein kleines Stück Land, as als Nebenstück zu einem Hauptstück gehört, indessen [?] durch einen Weg oder Graben davon getrennt ist". Dit wird komt ek foar as "ôke" ef "hok" en scil wol yn forbân stean mei ús "taheakke". Sahwet scoe it wêze kinne. Yn Noard-Fryslân is "ack" ef "ak" de opreed by de terp of by de dyk op; Sahwet – Petersen bringt it yn forbân mei âgi, âge = fakken [?]. Dit scoe den [?] in oar wird wêze, hwent it earste sil wol gearhingje mei "Ecke".

Ek nijsgjirrich is, hoe' t Postma's boekje mei fertalingen fan gedichten fan Rilke ta stân kommen is. Op 19 maaie 1932 skriuwt Postma oan Douwe Kalma: 'Ik tankje Jo foar Jins meidielingen. Hwet myn oersetting fan Rilke oangiet, oarspronklik tocht ik net oan it útjaan fan in bondeltsje, mar nei Jins skriuwen fan sa likernôch in jier liden, do't Jy my der nei fregen foar it jier '32, hwet ik do ôfskreau, bin ik dochs yndachtich wurden en haw hwet mear foarútgong makke. Ik haw nou sa'n boekje fan in 50 bledsiden klear en folle mear bin ik ek net fan doel der fan to meitsjen. Mar eigentlik woe ik der nou ek wol ôf om dy perioade wer of to sluten. Om Jou dos ûnbepaalde frijheid to jaen, dêr haw ik ek wol beswier tsjin. Wy moatte mar ris sjen. Miskien doar in útjouwer sa'n lyts boekje ek wol allinne oan, miskien komt ek by jimme tsjinstuit, sadat jimme my dochs wer earder hawwe wolle'.

Yn in brief oan Jelle Brouwer fan 21 desimber 1932 hat Postma it oer in searje fan rymkes foar in Frysk printeboek, troch him betitele as 'It jier lâns':

Us wouterman fornimt it skoan:
Pike komt er mei it fleske oan.

Pier Bi it ljeappen fangt in snoek,
Moat nei hûs mei in wiete broek.

De famkes springe yn 'e bocht;
De jonges hawwe oan hoepjen nocht

Ho lokkich en fro[a]lik is de tiid
As de rikketik troch de lânnen giet.
Rein en Simen yn 't partûr,
Slaan de bal de weareld oer.

Dêr komt de wein mei 't lêste swé,
Boerinne hat al it heamiel ré!

Nou de apels siikje yn it hôf,
Hja reine fen 'e takken ôf.

En, happe brûk nou dyn forstân,
Jan bringt dy feilich yn it lân.

De fisker nimt syn boat to baet,
By de fûken lâns fen haed nei haed.

Yn Sierd syn tintsje is it lij,
'k Scil sjen dat ik hwet molke krij.
Op âldjiersjoun nei tsjerke ta:
De ljochte finsters blinke sa.

Sinteklaes út Spanje wei,
Nim for it fryske hûs hwet mei!

Op 31 maert 1938 skriuwt Postma nochris in brief oan Douwe Kalma, wêryn't moai ta útering komt hoe't – yn 'e wurden fan Breuker – (it wurk fan) Jan Jacob Slauerhoff Postma ta himsels brocht. Postma: 'Myn tank foar Jins moaie stik yn 'e Ljouwerter krante. Ik sis dat net allinne, net foaral, omdet it foar my freonlik steld is, mar ek, objektyf, omdet er sa folle moaie en wiere dingen yn stean. Ho wier is it fan it lok by it dichten belibbe, fan de need dy't oerwûn is, as it fers goed is, fan de moed dy't de dichter nedich hat! "gefoel, verbeelding, heldenmoed" fan de âlde dichter wie noch sa mis net. Myn bewûndering foar Slauerhoff is dan ek wol foar syn moed, sa as Jy ek al sizze. Foar syn kinst haw ik mear leafde as bewûndering; oars as b.g. foar dy fan Boutens: bewûndering mear as leafde. Tinkelik hinget dat ek gear mei it fryske fan de earstneamde. Dat dichterlok is lykwols mar foar inkelde eagenblikken; oars as it net sa folle minder lok fan it wittenskiplik wurk dat him makliker winne lit. Spitich dat it lêste wurk earder ferâldere is as it earste; dêr sil nei 100 jier net sa folle mear fan oer wêze yn 'e regel. Hoewol miskien oerfiltrearre nei letter wurken, mar der net mear to kennen. Net alhiel dúdlik binne my Jins wurden: "Dêr hwet hichte fan to krijen, is net sa ienfâldich". Faeks bitsjut it: "hichte to krijen fan de betekenis fan de wurden by in jubileum spritsen en it antwurd dêr op (it glimke)? Mei ik noch effen sizze dat myn foarnamme net Obbe is, mar Obe? Jy kenne faeks de bikende wiskundige Obe Sikkes Bangma; dy syn pake wie ek ien fan myn foarfaars. Dit wie sahwat achte konfrater, hwat ik sizze woe. Ik wol einigje mei de hoop út to sprekken, dat fryske moed de fryske tael sa lang yn stân hâlde sil, dat wy ek in "earlike kâns" krije sille om sjen to litten hwat wy wurch west hawwe'. Hjirby moat oantekene wurde, dat Kalma him geregeld wei mei it wurk fan Postma dwaande hâlden hat, mar dat, Postma, oarsom, him net of net folle mei Kalma syn wurk bemuoid hat.

Komplete poëzy

Fokke Sierksma, de âld-Dokkumer en skriuwer fan *Bêrn fan 'e ierde*, skreau ta gelegenheid fan Postma's 82e jierdei in, wat hy neamt, yndirekte en omslachtige lokwinsk, dy't de kontekst foarmet foar in lettere brief fan Sierksma oan Postma en wol fan 26 septimber 1957, wêryn't hy syn leafde foar it dichterlik oeuvre fan Postma te kennen jout. Nei oanlieding fan it bekende gedicht 'Pinkstersnein' seit er: 'Yn it fers 'Pinkstersnein' fielt er (Postma, JG) him folslein lokkich yn 'e útslaande bloei fan 'e ierde. En dan freget er: Hokker ierdske blydskip soe hjirby lykje ? Hy jout ta in antwurd, it heechste lok is op

Fokke Sierksma

him delsaaid en de himel is him iepene. Mei oere wurden: der is gjin ierdske blydskip dy't lykje kin by de blydskip fan 'e ierde. Dy skynbere tsjinspraak is fan it grutste bilang om de sfear fan Postma's wurk goed te priuwen. It betsjut yn 'e earste pleats, dat de himel foar him op 'e ierde to finen is; yn 'e twadde pleats, dat er dêr net altyd foun wurdt. Himel en ierde binne ien: dat soe men suver it earste artikel fan Postma's belidenis fan it leauwe neame kinne. Mar dy ienheid is foarwerp fan leauwe, dat men op stuiten befêstige sjocht en op stuiten leagenhjitten troch alle wreedheid dy't natuer en kultuer mar hawwe. Sa dwaande hat de dichter by einsluten de kar: hy kin de ierde devaluearje yn it foardiel fan 'e himel – dan is it in gewoan dichter fan it romantyske type, dat langjend nei de himel stoarret en de ierde leafst sa gau mooglik forlit – of hy devaluearret de himel yn it foardiel fan 'e ierde – dan is der yn 'e himel plak foar de hel en foar beide is der plak op 'e ierde. Ierde en himel binne foar Postma ien; dus nimt er it lêste foar kar. De ierde is him diel fan 'e ûneinige kosmos, dêr't de pols yn to fielen is fan it djoere, wrede libben. De tsjinstelling fan himel en ierde komt er to boppe om der it ûneinige allinne foaroer to setten, dy't har dei- en nachtside hat ek yn it libben fan 'e minskebern. Oft dat him altyd slagget, is de fraach. Hy ken de amerijen ek, dat de siel rikt nei it fiere blau, it bloed nei de ierde giet – lykwols is it ûnbetinge oannimmen fan it stjerre- en minskebestean yn skientme en ferneatiging it sintrale libbensbesef, dêr't dizze poëzy út wei skreaun wurde koe'.

'Pinkstersnein'

't Is Pinkster, Pinkster! 't greidelân
Tilt op fan 't brûzend blomt'.
Fan 't gouden giel fan bûterblom
En klaver yn 'e romt'.

Do biste myn leave blommetún,
O greide yn 'e pinksterpronk;
Ik jou my del oan dyn trouwe hert
En fiel my dêr sa by honk.

Dyn tûzen eagen laitsje blier
As kunden út oerâlde tiid;
Ik laitsje ek, myn blommebern,
Mar de eagen wurde my wiet.

Wat ierdske wille komt soks benei?
O hillige Pinkstersnein!
It heechste lok is op my saaid
En de himmel iepenlein.

Hjirûnder de brief, dy't Sierksma skreau oan Postma (26 septimber 1957). Hy ûntskuldiget him omdat er, troch in tydlik mankemint oan de tomme fan de rjochterhân, de brief net skriuwe koe mei de pinne, mar op de masine oanwiisd wie.

Heechachte Dr. Postma,

'k Woe Jo graach betankje, omt Jo my foreard hawwe mei in eksimplaar fan "Wjerklank en besinnen". Hwat it winliken foar my betsjutte en betsjuttet, do't ik jister it boekje útpakte en stadichoan lies en meibelibbe, kin ik net goed yn wurden útdrukke, mar Jo sille it begripe, as ik Jo fertel yn hokker sitewaesje Jins fersen my oantroffen. Yn jierren hie 'k net mear yn Fryslân west. Allinne twa, trije kear nei Dokkum hinne en werom jachte, as der ien ynienen net goed waerd, mar op sokke tiden libbet men yn in sel fan soarch. In wike ferlyn bin ik lykwols gewoan út langst nei Fryslân reizge en nou wit ik foargoed, dat ik allinnich mar hâld fan it Fryske lân en de Fryske himel. Juster wie it de lêste dei fan myn ferbliuw to Dokkum en ik woe myn kâns noch ienkear goed waarnimme. Mei in auto fan myn broer bin ik troch Fryslân riden. 'k Haw by de Ferwerter toer en tsjerke stien, by in winkelwyfke to Jorwert in reep sûkelade kocht, en ûnder Rien oan 'e kant fan de dyk sitten. Doe seach ik op in paadwizer Sneek stean en ynienen waerden alle simmers wer libben, dy't ik as jonge trochbrocht by in komelkerke en syn frou ûnder Offingawier. 'k Bin der daliks hinne riden, haw de auto op it hiem fan in boer efterlitten en bin do lâns de polderdyk nei de Syl ta riden [sic; bedoeld moat wêze: roun], dêr't omke en muoike -- it binne winliken frjemden, mar ik neam har noch sa – nou wenje, midden yn de feilige ûneinigens fan greiden en wetter. It hie de hiele dei al in feestdei west en yn 'e auto hie ik sitten to sjongen, mar do't ik in skoftke letter mei in boatsje op de Lytse Potten dreau, wier alles allinnich mar stil en goed en moast ik hyltiten wer tsjin mysels sizze: dit bestiet noch, dit bestiet noch. Muoike frege oft ik net in pear dagen bliuwe woe en doe stie it my ynienen foar de geast, dat ik jouns let noch yn Leiden wêze moast fanwegen myn wurk, yn dit benypt jachtige Hollân, dêr't ik net aardzje kin (allinnich Rotterdam moat ik sizze, is grut yn syn jachtigens). Ik wist, dat ik de bylden yn my bewarje soe, dat dy bylden harsels yn my bewarje soene, mar dochs fielde ik skerp, dat as ik yn Leiden wer ta de doar útstappe soe, ik gjin bûtlân rûke soe en gjin stompe toer healwei de kym sjen soe, mar wer yn in skeinde wrâld rinne, tramme en libje moast. Jo sille begripe kinne, dat ik hwat mankelyk wier, do't ik justerjûn út de trein stapte. Ik wier bliid, dat ik myn frou en bern wersjen soe, mar werom kin ik – sa tocht ik – har net meinimme en wenje ek earne yn it Fryske lân, der't men net besiket om boppe it libben út te razen ? Do't ik thúskaam, sei myn frou, dat der in pakje foar my wier. It wiene Jins fersen. Ik haw der oant yn de nacht yn lêzen. Jo brochten my Fryslân yn 'e geast op in eagenblik, dat ik it slim, slim brek wier. No't ik Jo dit ferteld haw, sille Jo begripe, dat ik foar Jins fersen mear tankber bin as ik sizze kin. Mear hoech ik der net fan to sizzen. Myn frou hat frege, oft ik Jo de groetnis fan har oerbringe woe. Ik winskje Jo it alderbêste. Elk libbet syn eigen libben, mar faeks mei ik hjir yet sizze, dat Jo foar my binne in âlde freon, dy't my faek helpt myn libben to libjen'.

‘Us binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen.’

Geart van der Meer

Yn it nijgjirrich stik fan Breuker, dêr’t ik hjir fierder net op yngean, komt hij yn noat 6 op de interpretaasje fan in rigel út it fers ‘Troch it folk hinne’ (SF, 250; 1939). Dy rigel rint sa: ‘Mar ús binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen.’ Breuker ferklearret dy wat tsjustere rigel sa: ‘Grûnen sille de grûnen wêze dêr’t men op fêstrinne kin, lykas in skip op see, tochten binne hertstochten.’ Dat ‘oergongen’ slacht dan neffens him (sj. ek de titel fan syn bijdrage) op de ‘pynlike oergong fan natuerwittenskip nei skiednis.’
Ik leau dat der in mooglike oare ferklearring is. En dat op grûn fan in oeuvre-interne ferliking mei oare fersen dêr’t bepaalde wurden/begripen yn brûkt wurde. Mar earst even de lêste rigels fan it betreffende gedicht, dêr’t nei it faach útsprekken fan ‘spyt’ oer wat er yn syn libben mist hat (dy spyt hat er faker útsprutsen), it folgjende stiet:

> En, al praat ik der sa net oer, ik haw dochs ek de groeden, dy’t spyt dêr yn dreaun hat.
> Dan, tink net dat ik oars bin as de dichters fan in grutter taal;
> As hja neame wat de dichter bewege kin, moat dat ek it wêzen fan myn siele hjitte.
> Sa giet ús reis net mei de blanke eagen en de kleare foarholle dêr it rêsten efter leit,
> Mar ús binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen.

Earst dat wurd ‘bewege’ hjir. Dat brûkt Postma ek yn ‘Dichters stoffe’ (SF 224; 1936):

> Der binne dichters tsjinwurdich dy’t in lúsjefersprikje en in koalsblêd beneame doare,
> En al it ûnnoazele dat de siele bewege kin.
> Der binne, waam strekke net rym en mjitte ta goddelik prinsyp,
> Mar it libben en syn sljochte wierhaftichheid.
> Hja sille it folk net winne mei deastek en moannenacht en net is de hege skiente fan de inkelen har begryp.
> Mar yn har sil gearkomme fan it wêzen fan alle wrâld.

Dat slút aardich oan bij ‘Troch it folk hinne’, liket mij ta, mei ek noch dy ‘siele’, dy’t yn beide fersen opfierd wurdt as gefoelich foar alles, net inkeld foar ‘de hege skiente fan de inkelen’. Ik bin, seit Postma dus, net oars as de dichters yn grutte talen, en ik stean iepen foar alles.
Dan dy opmerking oer dichters yn in ‘grutter taal’. Dat kinne eigenlik allinne mar Slauerhoff, Dickinson of Rilke wêze as wij oan Postma tinke. Sykjend op it wurd *oergongen* fyn ik bij Postma, yn syn net al te bêste fertaling fan Rilke syn prachtich ‘Und du erbst das Grün’ it inkeltal *oergong*. Rilke syn gedicht giet, miskien wat al te koart gearfette, oer dat de dichter alle skjintme, ek dy troch minsken makke, yn him opsûge kin en ta syn eigen meitsje kin, it wurdt dan in deel fan himsels. Stel dij dus iepen foar alles, en dan wurdt it ek fan dij. Yn dij komt gear ‘it wêzen fan alle wrâld’, sa dus. Dy gedachte wurdt troch Rilke yn de slotrigels sa formuleard yn in heel moai byld:

> So fließt der Dinge Überfluss dir zu.
> Und wie die obern Becken von Fontänen
> beständig überströmen, wie von Strähnen
> gelösten Haares, in die tiefste Schale, -
> so fällt die Fülle dir in deine Tale,
> wenn Dinge und Gedanken übergehn.
> Troch Postma sa fertaald:

> Sa rint der dingen oerfloed nei dy ta.
> En sa as heechste bekkens fan fonteinen
> Oerstreame jimmer, as ûntbûne stringen
> Fan rinwiet, heind yn djipste skalen, –
> Sa falt de rykdom dy yn alle dalen
> As dingen en gedachten d’ oergong dwaan.

Net echt in wûnder fan fertaalkeunst … hoe’t er bij dat ‘rinwiet’ komt, is mij ek in riedsel. En hoe kin wetter no ‘ûntbûn’ wêze – wat hier fansels wol kin! En wat aaklik ûnhandich klinkt dat ‘oergong dwaan’ foar ‘übergehn.’ Mar goed, Rilke en Postma bedoele itselde mei dat byld fan dy fontein, mei syn ferskillende ynelkoar oerrinnende bekkens: it ûnderste bekken (= de dichter) heint alles op wat út de hegere bekkens stroomt. En dat oerrinnen fan heger nei leger oer de râne hinne, dat ‘übergehn’, is bij Postma dat ‘oergong dwaan.’

Gearfetsjend: myn ferklearring fan dy rigel ‘Mar ús binne wol de grûnen, en de tochten en de oergongen’ wurdt dan sa: de ‘grûnen’ binne de oarsprongen (de djippe oarsprongen) fan de gefoelens (fan skjintme ensfh), de ‘tochten’ binne grif de hertstochten (fan de dichter), en dat ‘oergongen’ is lykas yn it byld fan de fontein it oerrinnen fan gefoelens/yndrukken/ fan bûtenôf yn de dichter sels, dy’t alles yn syn skaal opheint.

Wa’t it better wit, seit dat mar.

Rainer Maria Rilke (1901)

Und du erbst das Grün

Und du erbst das Grün
vergangner Gärten und das stille Blau
zerfallner Himmel.
Tau aus tausend Tagen,
die vielen Sommer, die die Sonnen sagen,
und lauter Frühlinge mit Glanz und Klagen
wie viele Briefe einer jungen Frau.
Du erbst die Herbste, die wie Prunkgewänder
in der Erinnerung von Dichtern liegen,
und alle Winter, wie verwaiste Länder,
scheinen sich leise an dich anzuschmiegen.
Du erbst Venedig und Kasan und Rom,
Florenz wird dein sein, der Pisaner Dom,
die Troïtzka Lawra und das Monastir,
das unter Kiews Gärten ein Gewirr
von Gängen bildet, dunkel und verschlungen, -
Moskau mit Glocken wie Erinnerungen, -
und Klang wird dein sein Geigen, Hörner, Zungen,
und jedes Lied, das tief genug erklungen,
wird an dir glänzen wie ein Edelstein.

Für dich nur schließen sich die Dichter ein
und sammeln Bilder, rauschende und reiche,
und gehn hinaus und reifen durch Vergleiche
und sind ihr ganzes Leben so allein...
Und Maler malen ihre Bilder nur,
damit du unvergänglich die Natur,
die du vergänglich schufst, zurückempfängst:
alles wird ewig. Sieh, das Weib ist längst
in der Madonna Lisa reif wie Wein;
es müsste nie ein Weib mehr sein,
denn Neues bringt kein neues Weib hinzu.
Die, welche bilden, sind wie du.
Sie wollen Ewigkeit. Sie sagen: Stein,
sei ewig. Und das heißt: sei dein!

Und auch, die lieben, sammeln für dich ein:
Sie sind die Dichter einer kurzen Stunde,
sie küssen einem ausdruckslosen Munde
ein Lächeln auf, als formten sie ihn schöner,
und bringen Lust und sind die Angewöhner
zu Schmerzen, welche erst erwachsen machen.
Sie bringen Leiden mit in ihrem Lachen,
Sehnsüchte, welche schlafen, und erwachen,
um aufzuweinen in der fremden Brust.
Sie häufen Rätselhaftes an und sterben,
wie Tiere sterben, ohne zu begreifen, -
aber sie werden vielleicht Enkel haben,
in denen ihre grünen Leben reifen;
durch diese wirst du jene Liebe erben,
die sie sich blind und wie im Schlafe gaben.

So fließt der Dinge Überfluss dir zu.
Und wie die obern Becken von Fontänen
beständig überströmen, wie von Strähnen
gelösten Haares, in die tiefste Schale, -
so fällt die Fülle dir in deine Tale,
wenn Dinge und Gedanken übergehn.

OERSETTING OBE POSTMA

En do erfst it grien

En do erfst it grien
Fan fergûne tunen; ’t stille blau
Fan ynfallen himmels.
Dauwe út tûzen dagen,
It tal fan simmers, dy’t de sinnen drage,
En inkeld maitiden mei glâns en klachte,
As mannich brieven fan in jonge frou.
Do erfst de hjersten, dy’t as pronkgewanten
Yn it herinnerjen fan dichters bliuwe,
En alle winters, as ferweesde lânen,
Lykje sêft har tsjin dy oan te triuwen.
Do erfst Venetië, Rome en Kazan,
Florence sil dinen wêze, Pisa’s dom,
De Troïtska Lawra en it hoalekleaster
Dat ûnder Kievs tunen in getiis
Fan gongen foarm’t, kronkeljend en tsjuster, –
Moskou mei klokken as herinneringen, –
En klang sil dines wêze: snaren, hoarn en tongen,
En eltse liet, dat djip genôch hat klongen,
Sil oan dy glânzje as in edelstien.

Foar dy allinne kear’ de dichters yn
En samlje bylden, rûzjende en rike,
En tsjogge wei en rypje troch ferlykjen
En heel har libben is in ienlikheid...
En skilders skilderje har bylden mar,
Datsto silst ûnfergonklik de natoer,
Dysto fergonklik skoepst, werom ûntfange:
Alles wurdt ivich. Sjoch, it frouminske
Is lang yn de Madonna Lisa ryp as wyn;
Der moast nea wiif mear wêze, want
Nij frouminske bringt nijs net oan.
Dy’t bylden foarmje, binn’ as do.
Hja wolle ivichheid. Hja sizze: stien,
Wês ivich. Dat betsjut: fan dy!

En ek, dy’t leaf ha, samlje foar dy yn:
Hja binn’ de dichters fan in koarte stûne,
Hja patsje wol in foarmstomme mûle
In laitsjen oan as boetsten hja him moaier,
En bringe lust en binn’ ’t dy’t wennen leare
Oan smerten, sa’t wy ta folwoechs’nen keare;
Hja bringe lijen mei yn harren laitsjen,
Langstmen, dy’t sliepe en dy’t ûntweitsje,
Om út te gûlen yn it frjemde hert.
Hja heapje riedseleftichs op en stjerre
As dieren, sûnder te begripen –
Mar it kin wêze, dat hja slachte droegen
Wêryn har griene libbens rypje sille;
Troch dizzen silsto dan dy leafde ervje
Dy’t hja har blyn en as yn drôge joegen.

Sa rint der dingen oerfloed nei dy ta.
En sa as heechste bekkens fan fonteinen
Oerstreame jimmer, as ûntbûne stringen
Fan rinwiet, heind yn djipste skalen, –
Sa falt de rykdom dy yn alle dalen
As dingen en gedachten d’ oergong dwaan.

Oankundiging Postma-dagen

Yn ’e mande mei Tresoar organisearret it Obe Postma Selskip op 6, 7 en 8 april 2018 de saneamde Obe Postma-dagen. Dit yn it ramt fan Ljouwert Kulturele haadstêd 2018.



It programma fan dy dagen omfettet in seistal ûnderdielen, te witten it útbringen fan in trijetalige bondel mei gedichten fan Obe Postma, in poëzy-middei, in Postma-kuijer troch Ljouwert (ûnder begelieding), in útstalling oer libben en wurk fan Postma yn Tresoar en, op ’e sneintemiddei, in konsert mei in tal op muzyk sette gedichten fan Postma. It konsert wurdt útfierd troch it Colori-ensemble út Drachten. Oan de ein fan it konsert wurdt in troch it Selskip fersoarge boek mei mear as tritich komposysjes op gedichten fan Postma presintearre.

Yn ’e rin fan maart krije de OPS-leden in útnûging foar dizze dagen. Dêryn ek in detaillearre programma. Notearje alfêst de data fan dizze dagen !

Leeuwarden Fryslân 2018

Culturele Hoofdstad van Europa